BIBLIOTHEEK
NED.GEN.VER.

Elias A. Borger

# IT FRYSKE WUNDER

FAN

R. S. ROARDA

F
138
BORG

VEREENIGDE JOUSTER DRUKKERIJEN N.V. 1949
DE JOUWER (JOURE)


E. A. Borge.

# YNHALD


| | blz. |
|---|---|
| Der komt in jonkje to wrâld . . . . . . . | 5 |
| Master Turf trekker . . . . . . . . . . . | 7 |
| Nei 16 lessen koe er Frânsk . . . . . . . | 8 |
| Knikker op 'e kant . . . . . . . . . . . | 9 |
| It preekjen sit him yn 't bloed . . . . . | 10 |
| Professor hat bigreatsjen . . . . . . . . . | 11 |
| As in kat yn in frjemd pakhús . . . . . | 12 |
| As gelearde en man fan 't Wurd . . . . . | 15 |
| In wolsprekkend genie . . . . . . . . . . | 17 |
| In pear priuwkes . . . . . . . . . . . . | 18 |
| Dat hountsje ek! . . . . . . . . . . . . | 18 |
| Mei goud bikroane . . . . . . . . . . . | 20 |
| Yn leafde forboun . . . . . . . . . . . | 21 |
| De Jouster turfskipper . . . . . . . . . . | 22 |
| De swiere slach . . . . . . . . . . . . | 24 |
| To mânsk . . . , . . . . . . . . . . . | 25 |
| Noch ien en oar út notariële akten . . . . | 28 |
| Dêr't men mear oer Borger fine kin . . . | 29 |
| Ien en oar út it forline . . . . . . . . | 30 |
| Boaskje foar 't Rjocht . . , . . . . . . . | 30 |
| Skoalle en sakelju . . . . . . . . . . . | 31 |
| Eat oer de Tylemans . . . . . . . . . . | 31 |
| Yn rjochte lynje út in bakkerslaech . . . | 32 |
| Fan sekere schipshol . . . . . . . . . . | 33 |
| Der windt ende Gortmeulen . . . . . . . . | 34 |
| Kontrakt oer it bouwen fan in Groatmoune | 35 |
| Fan twiljen . . . . . . . . . . . . . . | 36 |
| IEN EN OAR OER ALD JOUWER . . . | 37 |
| Noch mear oer slatterij . . . . . . . . . | 38 |
| Kosten oangeande de Waech . . . . . . . | 38 |
| Oankeap nij Riedhús . . . . . . . . . . . | 41 |
| It Jouster Tolhús . . . . . . . . . . . . | 41 |
| Der waerd noch al hwat drank tape . . . | 42 |

Op 9 April 1775 boasken yn 'e Jouwster tsjerke Anne Kersten en Sibbeltje Tyles Tyleman ek skreaun Tieleman.
Anne wie jeneverstoker en in soan fan de Jouster bakker Kerst Annes en Sijbrig Jelles. Sijbrig wie de dochter fan Jelle Piers, skûtmakker en keapman op 'e Jouwer en fan Antje Heeres ek wol Herres skreaun. Sijbrig har Pake, Pier Aukes wie ek skûtmakker op 'e Jouwer en boaske oan Sijbrig Jelles dy't fan Sleat kaem en hwer't hja yn Nov. 1687 ek boasken. Nei wearskyn ha se dêr earst ek wenne en binne Jelle en Eelkje en faeks noch mear bern harren dêr berne. Fan 1698 ta 1709 krije hja op 'e Jouwer noch 5 bern, dy't doopt wurde mei de nammen: Antie, Trijntje, Hans, Ytske en Wobbel.
Anne Kerstes (al meast skreaun Cerstis ek wol Carstes) syn Pake wie Anne Jans, berne 1689 te Joure en dêr bakker en yn 1715 boaske oan Eelkjen Piers in suster fan Jelle Piers. En dizze Anne Jans syn pake, Kerst Aukes, wie ek wer bakker op 'e Jouwer en yn 1648 oan syn twadde frou Dieuke Annes boaske. Oan syn earste, Geese of Geijs wie er yn 1639 boaske.
Sibbeltsje wie in dochter fan de skipper en keapman Tyle Elias Tyleman en Tjitske Wybes der't yn 1752 ynbrutsen waerd (sjoch Jouster krante fan 10-10-'47).
Tjitske wie in dochter fan de Jouster slachter Wybe Freerks en Lysbeth Gerbens en har pake Freerk Ysbrands wie mounder to Joure en yn 1678 boaske oan Hidtie Gerrijts fan Aldeboarn. Sibbeltsje har pake, Elias Tyles Tyleman, hat earst skoalmaster to Warns en letter to Joure wêst, mar foar 1720 de brui oant skoalmasterjen jown. Yn 1686 wie er to Ljouwert berne as soan fan sersjant Tileman Cornelis en Wopkjen Jurriens in dochter fan de soldaet Jurjijen Pytters en Sibylle Aderycks to Ljouwert.
Forskate Tylemans en Borgers wiene greatskipper, fearskipper, turfskipper, skûtmakker, keapman, brander of drankstoker en drankforkeaper, hospes, bakker, slachter, houthanlers, ensfh. Dus „burger" lju en fan dat burger sil de namme Borger wol kommen wèze.

**Der komt in jonkje to wrâld.**

Anne en Sibbeltsje krigen op 3 Jan. 1776 in soan dy't de namme krige fan Kerst en letter grossier yn sterke dranken waerd. Yn 1778 waerd Tileman berne dy't yn 1811 rêst is. Yn 1779 kaem Sybrich to wrâld dy't in 1814 de 2de frou waerd fan bakker Jan Martens Cornel. Yn 1782 waerd Elias berne dy't jong stoar en dan op 26 Febr. 1784 wurdt **Elias Annes Borger berne** en de 14e Maert doopt.
Nei him kamen der noch fjouwer bern: Pier, berne 1787, letter wynhanler en keapman; Tjitske, berne 1790, is foar 1812 rêst; Jelle, berne 1793, hat East Indysk Amtner wêst en Wybe, berne 1797 wie apteker to Haerlim.

Hoewol der oan Elias neat sûnders to merkbiten wie, soe it mei koarten al bliken dwaen, dat it dochs net in gewoan bern wie.
De jonge heit is in warbre sakeman en ek al sjoen de minne tiden, hat dy hannen fol wurk om syn al útwreidzjende húshâlding mei eare en deugd troch de tiid to krijen. Syn mem wie in frou mei in skoan forstân, foar har dwaen in bilêzen frou dy't der slach fan hie mei bern om togean. Hja koe masterhaft fortelle en nea sil der in mem wêst ha hwaens bern better oannimme woe as de lytse Elias. It lytse boike lies har de wurden suver út 'e mûle en altyd twong er mem mar dat hja fortelle soe. It wie in merakel hoe'n skerp ûnthâld de lytse man hie. Doe't er noch mar krekt trije jier wie koe er net allinne alle Bibelske forhalen mar skoan neifortelle, mar hy koe ek al lêze. Dat hie er him winliken boartsjendewei oanleard. Mem hie him de ferskes ûnder de plaetsjes leard en dat wie foar de lytse Lyas of Leias, sa't er yn 'e hûs altyd bineamd waerd, genôch om him it lêzen eigen to meitsjen. Sa siet er dan yn 'e kakstoel to praten en to lêzen. In foarlik bern, sa seine de minsken, en biskiedener koe it ek net sein wurde.
It binne net allinne de Bibelske forhalen mar ek de Heitelânske skiednis dy't mem oan de bern fortelt. Mar net ien fan de bern dy't it fortelde sa goed en skerp yn him opnimt as Lyas. Hwat dy ienkear biharke hat sit him klear en dúdlik yn syn ûnthâld fêst. Nou is it yn dizze húshâlding wenst, dat der oan tafel alle dagen út 'e Bibel lêzen wurdt. Kin mem de tiid der foar fine dan jowt hja der in neijere forklearring fan. Heit hat it to drok mei de saek en der faeks ek gjin slach fan.
Om bar moatte de bern foarlêze en dan bart it op in kear dat ien it net krekt lêst sa't yn it Alde boek stiet, mar allinne Lyas hat der mar erch yn. Dou lêst forkeard, seit er, sa stiet it der net. En dan docht it bliken dat de lytse beuker gelyk hat ek. Der wurdt om glimke, sa'n pjut net! Mar hja kinne mar op har iepenst wêze, Lyas harket skerp en der ûntkomt him neat.
As er al jong nei tsjerke rekket is er dêr ien en al oandacht. Alle meneuvels fan dûmny op 'e stoel makke, wit er thús mei krektens nei to dwaen.
Syn mem makket sels ek wolris ferskes en dichtstikjes. As yn 1787 it hûs fan Oranje wer ta eare komt, sprekt hja har tankbrens út yn in dichtstik. En dat wurdt fan de lytse man yn 'e tafelstoel mar glêd opsein. De famylje Borger is tige Oranjegesind en dat hat har skea dien, dêrom nou ek dy blidens. As J. T. de Jager yn syn boekje: Us Heitelân II, dan ek skriuwt, dat Elias mei de Jousters om 'e Frijheitsbeam dounse hat, meije wy gerêst oannimme, dat de man soks út syn tomme sûgt hat.

Anne Kerstesz | 1784
en
Sibbeltje Tyles E L op de Jouwer
Een Kind Geboren | De 26 Febr.
By De Doop | De 19 Maart
genaamd | Elias

14 Maert 1784
R.S. Ficarda

6

**Master Turf trekker.**

As Lyke de Profeet, sa't er al gauris bineamd wurdt, fjouwer jier wurden is, komt er by master Dirk Aukes Rauwerda op skoalle. Master is nou just gjin útrinder yn 'e skoalmasterswrâld. En dan mei de bihyplike helpmiddels fan dy tiden kin men der yn komme, dat er de jonge net folle mear bybringe kin.

Aldergelokst foar de jonge komt der mei koarten foroaring yn de persoan fan master Lourens Durk Hornstra, berne 2 Okt. 1759 to Haskerherne. Syn heit wie ek in tige kundige skoalmaster dy't noch hwat mear koe as turfmeitsjen. Yn 't Jouster Sentinsjeboek lèze wy, dat de Feanbaes Jacob Knol to Aldehaske foroardiele wurdt om boppe de boeten en ûnkosten oan Durk Lourens, skoalmaster to Haskerherne to biteljen „de somma van zestig Car. guldens veertien stuivers (f 60.70) wegens Arbeijds loonen Verdiend met Turff trekken." (1768). Durk stie bikend as in kundige skoalmaster sa't der doetiids net folle wiene. In aparten-ien, waerd der fan him sein. Ien dy't him sels de wis- en wurktúgkunde eigen makke hie. In man, dy't sels mikroskopen en soksoarte fan dingen makke. En dy wittenskippen hat er syn soan Lourens ek bybrocht. Hy hat de jonge hegere rekkenkunde leard, as ek wis- en stjerrekunde, mei oanbisibbe wittenskippen.

As jonge fan fiif jier komt Elias by master Hornstra yn 'e klas. Al ridlik gau hat master foar 't forstân dat Elias en hy inoar passe. Dit is in jonge om der eare mei yn to lizzen. Mei koarten al is er alle bern yn it learen fier de baes. En lêze as dy jonge kin, it is in merakel. Noch mar seis jier, lit master him op skoalle út 'e Bibel foar lêze. Net ien fan de bern dy't it sa goed kin. Mar hy lêst sa rêd, dat de measte bern him lang net folgje kinne. Lykwols der wit master wol ried op. As de jonge dan net stadiger lêze kin, moat er de Bibel mar op 'e kop foar him ha. Mar hwat skuort dy master greate eagen, as de jonge der like flot om lêst. Hwat wie dochs it gefal? Buortsjendewei hie er thús leard in boek sa to lèzen as it him foar de fuotten smiten waerd. Hy gie bygelyks yn 'e hoeke fan 'e keamer sitten en dan smieten de oaren him in boek ta. Sa as dat boek toloane kaem, sa moast Lyke de Profeet it lèze. En dat duorre mar in skofke, doe koe er dat.

Men wol ha dat der yn Elias syn tiid net minder as trije skoallen op 'e Jouwer wiene. Ien Latynske en twa gewoane. Al foar 1650 is der sprake fan in Rektor. Ommers 24 Okt. 1647 wurdt der in Johannes doopt, it soantsje fan: „Paulus Johannes, Recktor dezer plaetse en Tryncke Johannes Melboom" dy't letter noch forskate bern dope litte. It hat der lykwols alles fan wei, dat dy Latynske skoalle net folle opgong makke hat. It oanfielen van de Boargerij gie mear út nei de skipfeart, hannel en it sakendwaen, dan mei de letterkunde. It hoecht jin dan ek gjin nij to dwaen, dat Elias syn heit der lyksa oer tocht. De jonges moasten mei oanpakke, al dat gelear seach er gjin bien yn. En dy kwea-jonge fan him hie dat fierstento slim. Op skoalle wie de jonge mei it opjowne wurk meast al klear, as de oaren noch mar goed op gleed wiene. Dan liet master him mar in haedstik út 'e Bibel leare, mar dêr wie er yn measten ek al earder wer mei klaer as de oaren mei't har opjowne wurk.

Master smiet it oer in oare boech en lit him opstellen meitsje. Mar hy kin syn eagen hast net leauwe as er dy lêst. Dat in bern sa jong al sok wurk meitsje kin! Master krijt al mear en mear aerdichheit oan dy jonge en jowt him wol ris boeken mei nei hûs of jowt him fraechstikken op om ta in útslutsel to bringen.
Heit hat der net it measte nocht oan en komt er op 't ûnfortochtst ris yn 'e hûs, dan kin er it treffe, dat de lytse profeet foar de oare bern stiet to preekjen. Dan moat Elias op syn iepenst wêze of hy krijt in draei om 'e earen. En altyd sit dy jonge mar to lêzen of to skriuwen, hy kin der gjin bigryp oer krije, fan him hat er dat alteast net. Né, hy moat it de jonge ôfleare oars sil der skylk neat goeds fan groeije. It is fansels noch mar in bern, mar oars flink út 'e kluten sketten. En faker as ienkear hellet er him efter de boeken wei en set him yn 'e branderij oan 'e pomp, it koelfet moat fol.
Dat wurk sinniget de jonge net, lêze, skriuwe en foar de oare bern fortelle, dat leit him folle better en is syn nocht en wille. Mar hy moat oppasse, hwant heit wol it oars net lije. Mem wol noch wolris hwat troch de fingers sjen. Ommers hoe faek hat hja sels net mei har eigen en oare bern yn 'e Branderij sitten to fortellen! Né, de jonge hat it grif net fan syn heit, dat er sa fortelle en leare kin. De mem hat wol each foar de jonge syn kapasiteiten, mar har man is de baes fan 't gesin en hja wol út noch yn net tsjin him yngean. En hja kin it net ûntstride, de jonge hat it soms al to slim. Moarns docht er it him hast net oan tiid earst de klean oan to strûpen. Op bleate fuotten en yn 'e nachtklean, hat er al wer in boek by de kop. Sa moat heit him net trappearje, dan moat er foar straf mei helpe yn 'e hûshâlding of hwat oars dwaen dèr't er gjin nocht oan hat.

**Nei 16 lessen koe er Frânsk.**

Op in kear klaget de jonge syn need oan master Hornstra, dat er fan heit net lêze mei, mar meihelpe moat yn 'e branderij. Fan gefolgen giet master ris nei de heit to praten. In jonge mei sa'n skoan forstân en sa'n kleare kop, moat fuortholpen wurde. En och hwat him oangiet hoecht it daliks gjin jild to kosjen. En de húsfreon wit it sa to bipraten, dat it los rint. De jonge bliid en master bliid en de man grif ek.
Nou is master net mear allinne yn skoalle, mar ek nei skoaltiid mei him dwaende. En hokker master soe oan sa'n learling gjin nocht hawn ha ? Net dat er it de jonge maklik makke. Utersté net, om't er al slimmer en slimmer fraechstikken opjowt. En nea klaget de jonge ek mar ienkear dat it him to slim is as to swier fâlt. Freget master al ris, soest it wol oan kinne? dan jowt er sté fêst ta biskie : 'k Sil 't ris bisykje, master !
Dat bisykjen bitsjutte al meast, dat er it ta in goed ein brocht. Master learde him de skiednis, ierdrykskunde, godstsjinstlear, as ek de hegere rekkenkunde, wis- en stjerrekunde. It learen like him boartsjen to wêzen. Sa giet it ek mei 't Frânsk. Der wennet in Frânskman op 'e Jouwer, fan affearen in holoazejemakker, mei namme Tordoir. Dy hat al oan mear bern syn memmetael leard, faeks ek al mei om't de wyn by tiden noch al hwat út 'e Frânske hoeke waeit. Yn elts gefal, hy wol „It Fryske Wûnder" sa't der oer Elias wol gauris praten wurdt, wol op gleed helpe.
Nou wurdt der forhelle, dat nei't er de jonge 16 lessen jown hie, koe er yn't Frânsk lêze, skriuwe en prate. Dat komt Eekhoff stûver-

nôch oan, mar ja, it hie der linkenlytsen alles fan wei, dat foar dy seldseme geast nou neat ûnmûchlik wie.
Oan moaiskriuwerij op skoalle waerd doetiids mear dien as hjoed de dei, en master Hornstra wie der in master yn. Hja hâldden der pronkskriften op nei, mei moaije oppronke krulletters en sa. Master miende hy moast de jonge ris hwat ôflieding jaen, hy learde sa stúf, de holle moast it op 't lêst ek foarinoar hâlde kinne. Dêrom woe er him foar fordivedaesje dy skriuwkunst ek leare.
Elias hat noch nea oan tekenjen dien, dat it wie him hielendal frjemd. Mar hy set wer alles op alles. Lang duorret it net ienris of it lytse genie hâldt him net mear oan de foarbylden, mar skept eigener biweging nije foarmen, dy't moai skoan slagje. As er letter al perfessor to Lijen is wurde syn foarskriften op 'e Jouster skoalle noch altyd brûkt.
Trije jier, fan syn alfte oant syn tretsjende jier, wurket er oan syn pronkskrift, dat 36 planobledden great is. Op it foarblêd hat er skreaun: Door Elias Annes Dit Voorschrift Boek Gemaakt 8 Augustus 1797. Dy dei sil er der dos mei klear komt wêze.
Nou it mocht in pronkskrift jitte. Omkearde printletters hie er tusken kleurde blommen tekene. De foarletters wer tige apart mei blommen, fûgels, ensfh. opsiere. De ynhâld bistie út Bibelspreuken. It wurd: „Einde" forarbeide er de hiele birime 42ste Psalm yn. Allinne yn de letter E de trije earste fersen mei noch twa rigels fan it fjirde fers.
Kaerttekenje hie er al sa yn 'e slach, ja hwat net?

**Knikker op 'e kant.**

Nou moat men bileaven net miene, dat er sa yn syn boeken opgie, dat er it boartsjen hielendal forgeat. Wis, it learen ferget gâns tiid, mar dochs kin er ek mei ynmoed tûlje, al hat er fan master en thús wol ris in oantrún nedich. Mar dan is it ek wer lyk as mei alles foar de folle hûndert persint. Om't er syn fleurich aerd mei hat, wol eltse jonge graech mei him op en út. It measte nocht hat er lykwols oan knikkerjen en dat kin er omreitsen. Mar eltse jonge kin net tsjin forlies. Sa rekket er in kear mei in oare jonge yn tsjok waer om in duit. Dat rint sa heech, dat dy jonge in bakstien fan de groun grypt en dy Elias tsjin 'e holle smyt. Neffens Eekhoff bruts de stien in trije stikken. Hie de jonge sa'n hurde kop, of hat it in net al to hurde stien west? Yn elts gefal wurdt er bûten Westen thúsbrocht en blette it gâns. Earst like it wol hast knikker op 'e kant, mar lokkich kaem it mei doktershelp wer hielendal yn oarder.
De nocht fan it knikkerjen is him altyd eigen bleaun. As er letter as perfessor ris earne preke, koe it wol ris barre, dat er noch gjin ûre nei de preek mei de bern fan dêr't er tahâldde oan't knikkerjen wie.
Om him in oare ôflieding to jaen leart master him it dammen. Mar it is wer it âlde liet, hy set alles op alles. Mei koarten al is er troch syn masterlike birekkeningen de measten fier de baes.
En hwa kin him by't Winter, as marren, puollen, petten en fearten ticht fêrzen binne, op redens binei komme as er oer it spegelglêdde iis strûst! Dan stiet er likegoed syn man as Simmerdei mei it swimmen. Gjin feart is him to wiid, gjin poel to djip. Ek ûnder wetter swimt er as in rôt en lit in skip oer him hinnefarre, lyk as ienris doe't er foar de boech fan 't Boalserter fearskip dûkte en by't roer wer boppe kaem. Mar it meast hat er noch syn slinger

as er mei master Hornstra to allen mei. Krap by de wyn opsile en greate skomwengen efter him litte, dat is earst libben. Sokke tiden kin er him wol ris ûntfalle litte, dat er skielk op sé wol. Dan praet it bloed fan 'e foarfears.
Mar de âlde lju ha der gjin earen nei. It past harren om 'e sinteraesje net om him leare to litten. It hat nou linkenlytsen ek moai west, as jonge fan 13 jier moat der nou mar ris in ein oan komme. Heit ornearret hy moat in fak leare. Dat hy docht him by in goudsmit yn 'e lear, hoewolt de jonge der hielendal gjin ambysje foar hat. Dochs is men fan bitinken dat dit noch it measte mei syn smaek en oanlech oerienkomt. Al ridlik gau docht it bliken, it hat in great forsin west. Sa lang it mastereach oer de jonge giet, mei it noch hinnebruije, mar sadré dy ek mar út it each is, hat er in boek by de kop en forjit wurk en alles om him hinne. Fan gefolgen krijt er by syn earste baes al ridlik gau healjoun. Dat hat der mei syn heit grif net bêst foar stien, mar faeks hat mem it hwat mylderje kinnen.

**It preekjen sit him yn't bloed.**

It preekjen sit him yn't bloed en as er it stikum rêdde kin, as heit bygelyks fan honk is, stiet er yn 'e stokerij mei gauwens wer op in lege tonne en preket dat it hwat docht, harkers of gjin harkers. Soms stiet der sels in dûmny nei him to harkjen, lyk as de menniste dûmny Gjalt Hylkes. Dy is húsfreon to harres en mei graech ris efter de doar stean as Lyke de profeet wer los is. Soms wurdt de man der oars fan hoe't dy jonge syn tinzen wer jaen kin. It soe dochs skoof en skande wêze, dat sa'n jonge net leare sil. Mar op 'e sinteraesje liket alles stomp to rinnen.
Nou hat der him op 'e Jouwer in medikus dokter, Martinus van den Akker, nei wenjen set. Hy is út Noard-Brabant kommen en wurdt letter notaris op 'e Joure. De man hat noch net boaske, is roomsk en fynt in ûnderkommen by master Hornstra. Sa komt er ek yn 'e kunde mei dy skrandere Jouster jonge, it Fryske Wûnder, sa't siken him forteld ha. By de goudsmit is it misroun en nou wit master Hornstra doktor v. d. Akker der ta to krijen, dat hy de jonge Latyn leare wol. De man jowt him sels foar in goed latinist út, dat it liket der op. Hornstra wit de âlde lju ek oer to heljen en dan giet it oan. Mar dan docht it bliken, dat dokter foar dizze jonge net de meast gadelike learmaster is. It learen hat oars net folle om 'e hakken as it lêzen út de latynske Bibel en dan de Steate-Bibel der nêst. Alle jounen moat de jonge in latynsk haedstik út 'e holle leare.
Fan de ynhâld bigrypt er sa goed as neat, mar it haedstik leart er al. Al nei in wike mannich hat v. d. Akker foar 't forstân, dat it sa net de goede kant útgiet. Dêrom docht er de âlders to witten, hja sille war dwaen moatte om in kundiger learmaster, de jonge is it wurdich.
Lokkich dat der immen is en dat dy net ienris safier ôfwennet, ds. H. Schlikker to Langwar. Dûmny is noch frij feint en giet foar in tige kundich man. As it oangiet sil de jonge dêr dan yn 'e kost moatte, dêrom moat der earst ris mei de famylje praten wurde. Lokkich foar de jonge kin it klear komme. Omke Jelle Kerstes Borger, great houtkeapman en omke Wijbe Tieles Tyleman, dy't itselde affearen as Elias syn heit hat, sizze goed foar de kosten. Der wie op 'e Jouwer gjin blider jonge as Elias, en hy ûnthjitte heit en mem en de omkes, dat er tige syn bêst dwaen soe.



10

Nou dêr sieten hja nou just net oer yn noed. Mei master Hornstra hie de jonge net better learmaster treffe kinnen.
Alles is dêr like gaedlik, yn dat moaije stille Langwar mei in gelearde dûmny dy't gâns tiid foar de jonge frij meitsje kin. Lang duorret it dan ek net of dy beide kinne it tige lyk fine. Elias krijt dreech ûnderrjocht yn 'e Latynske en Grykske talen. Mar ek de oare wittenskippen wurde net forgetten, hokker him mei réméitsje moatte om ienris nei de Akademy to kinnen. Hy docht lykwols wer mear as fan him frege wurdt.
Ier yn 'e moarn, as dûmny noch mei 't fel oer de eagen leit, smiet er de fuotten oer de bêdsplanke. Dan bigjint er syn opstellen to meitsjen, him fan de dûmny opjown. It duorret net iens sa mâlle lang, dan wurdt der tusken dy beide mannen oars net mear praten as yn 't latyn.
En de opstellen ? Dûmny skoddet de wize holle, hwer hellet de jonge it wei, seldsum apart, dat moat sein wurde.
Fansels kin de bôge net altyd spant stean en dêrom giet dûmny sa nou en dan mei him nei de Mar om to fiskjen en to farren. It fiskjen is de jonge in greate nocht en dat is him altyd by bleaun. En hy hat der slach fan de fisken handich út it wetter to tippen. Hoenear er troch de moaije Langwarder leanen kuijert, sjucht men him grif mei in learboek. Sa is it ek as er Sneons ris nei hûs giet om in Snein thús to wêzen. Dat giet fansels per bilwein, mar altyd mei in boek om der út to learen. Der mei gjin tiid forlern gean en de altyd wurksume geast moat oanslach hâlde.

**Perfessor hat bigreatsjen.**

Nei fjouwer jier hat dûmny him safier, dat er mear as klear is foar de Akademy. Mar sinten om him in Akademyske oplieding to jaen bin der net. Oant nou ta ha de beide omkes stipelearre, mar dêrmei binne se ek oan 'e ein fan har Latyn. Lykwols is der noch ien kâns en dêr hat Elias op rekkene. Oan 'e Leytske hege skoalle mei stikje op de beurs. De bêste learling kin dy fortsjinne en krijt him dus net as in gunst. Dat is it krekt hwat de jonge Borger tige sinnicht en dêrom hat er al dy jierren alles op alles set om dy beurs to fortsjinjen.
De reis nei Leijen bitsjut foar dy tiden in hiel ûndernimmen. Ek moat er de reis allinne oangean, oars wurde de kosten syn âlde lju to heech. Biselskippe mei de beaën fan syn mem en de wolmienende winsken fan freonen en sibben, giet er yn April 1801 de reis oan.
Syn persoan as ek syn ienfâldich habyt imponearje nou just net. Bihâlden komt er yn 'e Akademiestêd oan en skuort greate eagen, dit is oars hwat as de Jouwer. Hy jowt him mids de konkerinten del, dy't mei him stikje sille om 'e priis. It bin allegear jonge lju dy't in Latynske skoalle trochroun ha. Dat boerke wurdt fan harren mei skeane eagen oansjoen. Net dat se bang fan him binne as konkerint, mar sa'n boerke. Hja moasten der wol om spytgnyske. Men moat dan ek wol doare, soe er wol ris Latyn ûnder de noas hawn ha ? Sa hunjendewei pinfiskje se dochs ris oft er wol wit hwat Latyn is. „Ego corbis pericula" jowt er harren ta biskie, dêr't er mei sizze wol, ik bin in gefaer. Mar de Latinisten snappe der neat fan. Dan hâldt immen him in latynsk boek foar, mar op 'e kop. As Borger daliks flot op bigjin to lêzen bigjinne hja him al mei hwat oare eagen oan to sjen en krije mar hwat in skalk each op dat boerke.

De kuratoren sjugge him ek al net foar fol oan. Perfessor Wyttenbach hat doch bigreatsjen mei de oars net ûnaerdige biskieden jonge. As er him de reiskosten ris werom jowt soe er dan mar net leaver fan 't eksamen ôfsjen ? Hwerom sil er al dy oaren ta in spotslach wurde ! Né, hy mient it de jonge goed, mar dy seit, dat er it dochs mar ris bisiikje wol. Ja, dan mei men it him net wegerje, de Friezen ha nou ienris de namme fan Styfkoppen. Mar as hja him ris tantsje en hifkje hokker kundigheden hy him al sa eigen makke hat, sjugge de learde hearen inoar mei greate fornuvere eagen oan. It docht al ridlik gau bliken dêr't hja mei de oaren ophâlden mei freegjen, hja by him pas út ein sette moatte.

Nea sil it kuratorium in makliker kar hawn ha. It ienriedich bitinken is, dat de ienfâldige Fries de priis mei glâns woun hat.

Der reizget in bliid jongfeint werom nei, de Jouwer. De earste slach hat er mei Gods help woun.

As de Simmerfekânsje fan de Leidske hegeskoalle op har ein rint, set de jonge Borger fol moed op de wittenskipsstêd ta. Dêr moat men bileaven net to licht oertinke. By heit en mem, broers en susters, freonen en sibben wei, nei in foar dy tiid fiere en frjemde stêd. En dat mei mar in sintmannich yn 'e pong en in pear boeken by him, dat al syn bisit útmakket. Mear hie it net lije kinnen. Mar syn toarst nei wittenskip slacht gjin biswieren acht.

**As in kat yn in frjemd pakhûs.**

De earste tiden hat de jongfeint it tige swier. Hy fielt him as in kat yn in frjemd pakhûs. Gjin inkelde studint hat der forlet fan him by dat boerke oan to sluten. Mar Borger set de tosken op inoar, binne hja him net brek, hy kin it ek bûten har stelle. Mei alle krêft smyt er him op 'e studzje.

En sjuch, lang duorret it dan net, of perf. van Voorst merkbyt hoe'n kostbre diamant der yn dy skynber hwat ûnbislipe stien weiskûlet. Borger foar him sels wit dat God it sa bistjûrt. En van Voorst wurdt de man dy't him al mar wer oantrunet de moedfearren nea hingje to litten. Hat Borger mar in lytse boekeskat, gjin biswier. Perfessor hat genôch en hy mei der brûkme fan meitsje safolle as er er mar wol. Hwat hat dat de jongfeint goed dien en hy is der hiel syn fierder libben tankber foar bleaun.

Ek komt er troch perf. van Voorst yn 'e kunde mei de Leidske dûmny Broes. By dy oan hûs wurde der gauris gearkomsten hâlden fan jonge Godgelearden. In singelier en skrânder man, dêr't al mear gelearde ûnderwurpen op 't aljemint komme. En dat leit Borger dy't der mei hert en siel oan mei docht. Hy wurdt in trouwe husfreon by ds. Broes, dy't gâns mei de jonge Fries op hat.

Neamde men him yn Fryslân al „It Fryske Wûnder! ek yn Leijen wurdt er sâ bineamd.

Perf. Wyttenbachs libben fan Ruhnkenius iepene foar him in nije wrâld. Dat like him syn eigen wrâld to wêzen, seit fan der Palm. De geskriften fan Muretus iepenje him de eagen, hoe't it mûchlik is en rop de ieu fan Cisero werom. Hy lêst, bistudearret en nimt yn him op. Syn sterk ûnthâld wit gâns fêst to hâlden. Yn de mienskippelike petearen by ds. Broes wurdt ien en oar faek wer oereide. Yn skranderens komt gjin inkelde studint him hein of to nei binei. Dochs rint er dêr net great op. Yn alles hat er syn

persoan mei, in golle jonge man, lyk as Tollens fan him dichte hat:

Hem stond de gulle lach op 't rond gelaat te lezen,
De lach der reine ziel, der ongetooide deugd,
Der ware wijsheid, die ontijdig 't niet wil wezen,
Maar zich kan wikken in den trippeldos der vreugd.

Yn elts formidden komt er sa't er is, gjin kâlde droktme, en krekt dêrtroch wit er elts foar him yn to nimmen.
Yn alles hâldt er fan oarder. Hy makket koarte nachten en lange dagen, der mei bileaven gjin tiid forlern geam. Sa is it ek as er ienris jiers mei fekânsje thús komt op 'e Jouwer. Syn âlde lju wenje oan 'e Midstrjitte, ticht by de âlde toer en oan deselde kant. Yn 1841 is der in nije gevel foar dit hûs kommen. By it ieufeest op 26 Febr. 1884 is der yn dit hûs in marmeren tinkstien yn 'e gevel kommen. Mei gouden letters stiet de namme fan Borger der mei bertedatum en jiertallen op, omkrânsge mei ikeloaf it sinbyld fan de ûnstjerlikheit. Der is in oarkonde yn bimetsele, hwerfan in ôfskrift yn't Gritenij-archyf fan Haskerlân biwarre wurdt.

Op heden den 26 sten Februari 1884
Ter gelegenheid der feestelijke herdenking
van den honderdsten jaardag der geboorte van

ELIAS ANNES BORGER,

is als blijk van hulde en waardeering deze gedenksteen tot een blijvend aandenken door de feestcommissie ad hoc met finantieelen steun van Joure's ingezetenen,

Geplaatst in den gevel van het huis, waar Borger werd geboren, staande in de Midstraat te Joure, sectie A. numm. 122, thans in eigendom behoorende aan den heer Jannes Vegter, wien, nevens het gemeentebestuur van Haskerland, de zorg voor de goede instandhouding van dezen gevelsteen is opgedragen. Waarvan deze acte is opgemaakt, om naast den steen in den muur van gemeld huis te worden ingemetseld en van welk akte afschrift is gedeponeerd ten Gemeentehuize van Haskerland.

Dizze akte wie fan de feestkommisje ûnderteikene.
It is mar lokkich dat de jonge studint fan dit alles gjin weet hat. Hwat binne se thús allegear bliid as er mei fekânsje thús komt en it mei de studzje sa goed giet. En ek dat it fûlbannige learen syn jonge sterke lea gjin kwea docht. Lykwols bitsjut fekânsje foar him net it der mar ris fan to nimmen troch neatdwaen. Né, yn it doe noch oanwêzige foarkeamerke sit er fan moarns ier oant let yn 'e joun to learen en to skriuwen. Om fjouwer ûre moarns bigjint de dei foar him en dat giet sa troch oant jouns alf ûre ta. Allinne nei it miel mei er der wol ris in ûrke kuijerjen fan nimme. Ek giet er foar fordivedaesje wol ris nei Langwar, nei syn ûnforjitlike freon en learmaster ds. Schlikker.
Mei mem al ris yn noed sitte oft de holle it foarinoar hâlde kinne sil, dan bislacht er it mei de gek. Studzje bitsjut foar him ommers libben, it libben!
Hwat kin er mei syn freon master Hornstra oer de studzje prate en dy is hwat greatsk op de jonge studint. Ja, fan eltse Jouster wurdt er achtenearre. Hwant hoe'n geleard wûnder er njonkelytsen ek wurdt, hy bliuwt de ienfâld yn eigen persoan.




It bertehûs fan Pref. Elias Annes Borger op 'e Jouwer

Yn 'e deistige omgong bliuwt er Leys, de golle freonlike Leys, de smoude forteller, der't elts mei nocht nei harket .Syn soune koartswyl iepent alle duorren en doch giet er nea syn boekje to bûten.
As er dan wer yn Leijen is, skriuwe mem en soan inoar geregeld, en wol faek op rym.

**As gelearde en man fan 't Wurd.**

Sa fleane der foar Borger seis jier foarby en sels de heechste forwachtingen hat er biskamme. Nea hat in studint mei mear flyt de lessen bywenne en folge, nea hat immen fûlder studearre, nea hat immer mei de him jowne talinten mear woekere as Borger. 6 Juny 1807 promofearret Borger ta doktor yn 'e Godgeleardheit op in dissertaesje: „De útliz fan Paulus brief oan 'e Galatiërs." Mei koarten al wurdt er ûnder it tal Propenenten opnommen. It hillich amt dêr't syn bigearen as bern al nei út gie, wankt nou yn 'e neibije takomst. en dochs.........
De minske wikt, mar God biskikt, it sil hiel oars komme. De kuratoren oan 'e Leidske Hege skoalle soene net graech sjen, dat oare Akademy's mei de ear fan dit genie striken gean. Der moat oer praet wurde en der wurdt oer praet, gjin inkel risiko nimme. Hegerein en boargerij allegear wolle se de minlike man as hûsfreon en fortroulike riedsman bihâlde. En dan bart it seldsume feit, dat Borger noch datselde jier as Lektor yn 'e Wijde Utlizkunde bineamd wurdt.
Dus daliks fan learling oan 'e selde skoalle ta learmaster.

Hy set út ein mei in rede oer: Den bescheiden en voorzichtigen uitlegger der Heilige Schrift.
It docht daliks al bliken, dat er de plichten ta syn nije ropping yn 'e groun forstiet, en dêrmei taest er syn harkers wol sa goed yn 't moed, dat gjin ien omsoarch hat, of de man is foar syn taek birekkene.
Foaroer syn learlingen blaest de jonge gelearde net út in great gat, mar bliuwt ek nou de ienfâld yn eigen persoan. Fol smaek en ynfieren is syn foardracht, in heit en freon tagelyk foar syn learlingen. Ien dy't altyd mei ried en died foar harren klear stiet. Hja forearje him dan ek as in heit, hingje him oan 'e lippen en leare by him mei greate nocht.
Sa nou en dan slacht er ek oan it dichtsjen.
„Yn Paden fan Fryslân" II s.11/12 skriuwt Dr. Wumkes: En it is ek wer Gysbert's skyn, dy't opkomt yn it promoasjefers dat de Leidske studint Elias Annes Borger fan 'e Jouwer 17 Juny 1809 syn „greate makker Beernd Freerks Tydeman" tasong. Elias wie doe lykwols gjin studint mear, mar al hast in pear jier Lektor oan 'e Leidske Hege skoalle. (Sjoch side 16)
Om't Borger nou ek it rjucht hat om op 'e stoel, makket er der brûkme fan. En mei koarten is der mar ien rop: hwat in preker! hwat in preker!De measten wolle der op út dat se soksahwat noch nea earder heard ha. Elts wol him dan ek sels in kear biharkje. En dochs binne syn preken ienfaldich, wol tige trochtocht en men fielt deryn de Kristen dy't sels bilibje wol hwat er oaren foarhâldt. It giet him om 'e siel fan syn meiminske op reis nei de greate ivichheit. Syn stribjen is der alderminst op ynsteld om fan de massa bijûchheit to wurden. By him giet it om de minske en de eare fan syn God.

DICHTERLIJKE NALATENSCHAP VAN E. A. BORGER 1836.

Oon myn greate makker BEERND FREERK TYDEMAN
da hy zyn disseretasie fordiffendjerje zoe.

Wol tjienkear hab ik it praberre
Of ik nin rymke meitje koe,
Dat ik uws TYDEMAN forjerre,
Wanneer hy dispuwtjerje zoe.

Mar'k wist net wat ik moast bigjinne,
Altied mankierre er wat oon;
Ik mogte peinsje, 'k mogt forsinne,
Ievig warde it spul fordoon.

't Begoon mij eynlik to fortritten,
(In nin wonder, zieker wier!)
Ik warde wurg fin al dat sitten
Mei beide hannen in it hier.

Gysbert Japiks seag my zwitten
Op ien vers for jouw dispuwt;
'k Droomde: hy ging teys by my sitten,
In bjuster lake hy my uwt.

Hy vrege my: „Het woe ste jonge?
Wer sjogste za benauwd dog fan?
Ik zei: „ik woe ein rymke sjonge,
Ter aere fin uws TYDEMAN."

In dat yn't boere friesk"? zei Master,
Wel heite hesty wol bitogt?
Dy jonge dat is ien Prafester;
Dat giet mar za net: Rjogt en Sljogt.

Rjogt in Sljocht mar wei te schrieuwe
Oer Pieter, Japik, Jouke in Jaen,
In alle dy gewone lieuwe,
Dat kin in't boere friesk nog gaen:

Mar woe ste in Arrebier besjonge,
In Arrebier as disse feint,
Sjong dan dog mei gin frieske tonge,
Want der mei wurt zyn eare scheind.

Arrabisch het hy bulten laesen:
Dat is ien tael, dy't haeger klieuwt;
Arrabisch Digter moat hy waese,
Dy TYDEMAN ien Lôfdigt schrieuwt."

Ik zei: „O Ja! mar tink reys, Pake!
Dy gave ist oon eltz net joon".
„Ik zoe dan" zei hy „'t wurk mar stake'!
Goen môôn. In Gysbert-Om fordwoon.

Uwt Frieunschip. Leijden, 1809.

**In wolsprekkend genie.**

As Borger op 'e preekstoel stie, seit fan der Palm, hwa koe dan it tal harkers telle? Hwa de opteinens biskriuwe, hwermei der nei him harke waerd? Hwa waerd net yn't moed taest en oandien? Dochs wie syn kânselfoardracht net ûnbilekke, wie syn styl net eltsenien nei't sin. Der wiene dy't mienden dat er it to stûf sei en tofolle op 'e man ôf. En dochs, sa freget fan der Palm, hokfoar toverkrêft hâldde ús oan dy tael geboeid? Dat wie de fûnk fan it genie dy't oeral skittere, dat wie Borger, dy't yn alles spriek en ek allinne sa sprekke koe. It wie de tael fan it hert dy't him sa wolsprekkend makke.

De studinten, yn measten net de sêftmoedigste harkers, dweepten mei de Akaremypreker Borger. Dat wie de homileet, skriuwt Wumkes, de kânselredenaer der't hja mei weirounen.

Yn't miene makke Borger gâns wurk fan syn preken, der mocht neat, mar dan ek neat oan mankeare, fan de minsklike kant moast de preek ôf wêze. Faeks hat hy der mear tiid oan jaen kinnen as de measte dûmny's, mar sûnder mis hat er der ek mear foar forarbeide en trochtocht as de measten fan harren.

De kar fan syn preken stie yn nau forbân mei de minske syn ivige bilangen sa't dy fan Borger sjoen waerden: Oer de tsjinstigens fan 'e iepenbiere preek; Oer de wierheit en godlikheit fan it Evangeelje; Oer de heilsume strekking dy't de Hillige Skrift hat by it bistriden fan 'e forsiking; Om romje to kinnen yn 'e fordrukking; It wersjen yn 'e greate ivichheit; Oer it treastfolle fan 'e wierheit; Dat Gods foarsiennichheit oer alles giet; Oer de drôvenis nei God; De needsaek fan in bernlike tinkwize; Om oanpart to hawwen oan it keninkryk fan God; ensfh.

Yn 't byldzjen liket der nea in ein oan syn foarrie to kommen, sa ek mei forlikingen, spraekkriemingen, ensfh. Hy forsommet neat fan alles hwat de styl opkwikkerje kin. Mei in ûnwearsteanbre krêft wit er syn harkers oan him to binen.

Great is de rop dy't der oeral fan him giet.

Sa dichte nei syn dea A. Molenaar, Theol. studint:

Wien bekoorden niet zijn reden
Als hij sprak van Christendom,
Christelijke deugd en zeden;
En zijn reine geestdrift klom!

Dat hij oor en harten boeide,
Dat men naauwlijks aadmen dorst,
Dat in heilig vuur ontgloeide
't Koudst gemoed, de hardste borst.

Of lyk as H. Tollens yn syn: Lyksang op E. A. Borger:

Wie weigerde, op zijn stem, 't aanbidden en 't gelooven?
Des dweepers vloek werd stom, des spotters lach verdween;
De godsdienst hief het hoofd uit elken smaad naar boven,
En 't licht der waarheid gloeide om Christus kruishout heen.

En hoenear er yn syn berteplak de Jouwer preket, komme de minsken fan hein en fier en forkringe har foar de tsjerkedoar, om „It Fryske Wunder" biharkje to kinnen. En dagen lang waerd der yn búthús en skuorre, op it lân en op 'e winkel as ek yn mannich ienfâldich klintsje oer it biharke wurd neipraten. Der bleauw hwat fan hingjen, it hie harren yn it moed taest.

**In pear priuwkes.**

Ut in preek: „Lit ús ús ûnderlinge gearkomsten net forsomje!" Riken en earmen! doch dan hwat jim dwaen kinne; mar hwat jim dogge, dat moat wêze ta eare fan God en syn Soan. Siz it meï klam oan eltsenien, dy't har útwine wolle oan 'e tsjerke fan Kristus. Ja. my tinkt, dat ik yn dizze gearkomste wol guods sjoch, dy't mar komselden har yn in tsjerkegearsit sjen litte, dat der op wiist dat it harren herte kâld lit. Mar o! mocht it sied dat yn dizze ûre wer struit wurdt, ek noch by sokken yn in goede ierde falle .Hoe soe ik dan dizze dei segenje, en myn God foar dy siekerisping tankje, opswile en woun foar it keninkryk fan Gods Soan. Né, wy rekkenje jo net forlern, salang jo noch yn dit libben steane, en it ljocht op ús kandler stiet. Al ha jo ek yn gjin jierren frucht droegen, salang de Hear fan 'e wyngert de bile noch opkeard fan dyn woartel, sille wy oan dy arbeidzjen bliuwe, yn 'e hope op Gods genede.

Yn syn preken nimt er nea gjin blêd foar de mûle ek net foaroer de mear bigoedigden. Sa seit er yn in preek: It is in swier stik fanút de wieldewenten in deihiersarbeider to sjen as lid fan ien en deselde húshâlding mei de greaten fan dizze ierde. It is in dreech stik oan in rykforsjoene itenstafel, to tinken oan it skeamel spinwiele fan 'e earmoed. It bliuwt in min ding troch de wâlm fan earbiwizen hinne to kringen, en ús lyk to fielen mei allegear dy't it lot ornearre, om ús to earjen en to mijen. Wêz dêrom groete, jim soannen en dochters fan it woldijen en de greatme! Wêz groete op dizze dei fan ús ûnderlinge gearkomsten. Nou is der dochs ien dei yn 'e wike, dat jim yn it formidden fan it sljochtwei folk tahalde. Ien dei hwerop jim krêftich yn't ûnthâld brocht wurdt, dat God ek de earmen fan dizze wrâld útkard hat. Dat hja mei deselde rjochten, as jim, ta God sizze kinne: Us Heit! Nou is der dan dochs ien dei yn 'e wike, hwerop ek jimme jim by de krekte namme neamd hearre. De wrâld mei jim mei gâns earetitels bineame, prekers fan ien en deselde godstsjinst, dy't elts Adamsbern mei de titel fan sûndaer bistimpelje, neame wy jim sûndaers, jim soanen en dochters fan it woldijen en de greatme! Fan herten lok mei dizze gelegenheit, dy't jim jiers faker as hûndert kear bean wurdt......

Sa kaem syn greate wolsprekkendheit him út it hert. De greate wierheit, godlikheit en skientme fan it Evangeelje wie syn ynmoedige hertsoertsjûging. It wie by him in djip oanfielen, hoe eal en sillich it is, God to tsjinjen troch it leauwe yn Kristus Jezus. Der like in hegere, godlike krêft yn him to wurkjen.

Mar it Akademypreekjen bigoun him swier to fallen en dêrom woe er der mar mei ophâlde. Foar him sels joech er der rekkenskip fan nei oanlieding fan Kristus' wurd út 'e likenis fan de talinten, Math. 25 : 15 „de tredde joech er ien talint." It docht ús gjin nij, skriuwt dr. Wumkes, dat de minsken him it hânskrift ôftwongen, mei it hillich ûnthjit it net oer to skriuwen of oan oaren lêze to litten. Mar hja ha him bidragen en dizze kopij waerd de mem fan wol tweintich oaren. En der wiene by, dy't in satyre liken op it oarspronkelike.

**Dat hountsje ek!**

Yn hokfor formidden Borger ek tahâlde mocht, hy waerd oeral binei forgoade. Ek al mocht de fyn ynleine biskaving fan 'e wrâld

him net lizze, dat naem men graech op 'e kap ta. Syn oanberne ienfâld die nofliker oan as gâns skynbiskaving. Mei sjerpslikkerij kaem er de froulju net op 'e lije side en dochs mochten hja him graech.
Yn it selskip fan gelearden, skittere syn forstân en geast mei in nea kinde glâns. Mids ûnbilearden wie er de ienfâldige riedsman. Foar de drôvigen en dy't it swier hiene, wie hy de meilibjende mylde treaster. Yn in fleurich selskip klonk syn golle laeits. Dan striele de blierens him fan 't antlit en klonken syn sangen fleurich op. Net dat er sok formeits socht, dêrmei brocht er in offer oan de hertstocht fan syn studzje, mar hy koe der him net altyd mei skik foarwei wine.
Sa wie er ek ris op in brulloft noege by ien fan syn freonen en ambtsbruorren. Syn hountsje, ien fan singelier skaei, is de baes efternei roun. It beest docht him to goed oan hwat oerdwealske froulju it hountsje fan de greate gelearde tapartsje. En dan giet it him lyk as bern, dy't tofolle swietekou krije. It beest wurdt hwat raer yn't liif en hwat der earst oer de tonge yntroppe is, komt der nou oer de tonge wer út.
In tige snau gefal foar Borger en hy rekket der yn dit formidden hwat mei oan, hoewol't hy der sels gjin skuld oan hat. Hy freget oft hja him úntskuldigje wolle.
Dat wolle hja al, mar op ien bitinkst, hy kin ommers sa foar de fûst wei dichtsje. As er dit gefal nou daliks op rym bringt en harren foardraecht, dan binne hja mear as tofreden. It is brulloft, dat Borger makket gjin biswier en set út ein:

Mijn Filaks, och! mijn Filaks och!
Dit pand van groote waarde
Mijn Filaks spoog en met dat spog
Spoog hij zijne eer ter aarde.

---

Wie leerde u, onvoorzigtig beest!
Zoo feestelijk te spuwen?

---

Men hoort ook wel uit 's lafaards mond,
Zeer veel om van te spuwen,
Maar zulk een taal van Lector's hond,
Dat is niet te verduwen.

---

'k Heb vrouw, noch kind, ik leef alleen
Dus waard ge steeds myn leven,
Ik kweekte u om aan het Leidsche Atheen
Een waardig Lid te geven.

---

Het deert mij, dat gij zoo veel kaks,
Daar op die bruiloft kaktet.
Indien gij zulke verzen brouwt
Als vreemde menschen trouwen,
Als dan uw meester zelf eens trouwt,
Wat zult gij dan wel spouwen?

---

Poëten? die van dichtvuur gloeit
Drinkt, drinkt op Filaks braaksel.

Yn dy tsjustere Napoleontyske tiid, as hiel Nederlân mei de ûndergong bidrige wurdt, nimt Borger gjin blêd foar de mûle.

It is perf. Regenbogen to Frentsjer dy't it oandoar by de rectoraetsoerdracht op 6 Juny 1810 in rede fol lof ôf to stekken op Filips van Marnix, de Bibelfortaler en de dichter fan it: Wilhelmus van Nassouwen. As er 'tusken it earste en twadde diel fan syn rede it orkest it Wilhelmus spylje litte wol, skuorre allegear greate eagen. Soks is ommers yn gjin fyftsjen jier bard. De lieder fan it orkest doar it dan ek net oan. Mar as Regenbogen taseit, dat hy der foar stean sil, giet it dochs oan.
En de oare Fries dy't him yn it iepenbier oppenearje doar is Borger yn syn dichtstik:

DE LEYDSCHE WEEZEN AAN DE LEYDSCHE BURGERIJ, BIJ DEN AANVANG DES JAARS 1811

(fersen 6 ta 8)

Streng snerpt de scherpe roê, besteld door d' Opperkoning;
Haar geesling snijdt ook ons door rug en wervel heen;
De donder, die u treft, treft ook der Weezen woning,
En morselt ons de kruin en plettert merg en been.

Houdt moed, houdt moed, de naam van God is wonder,
En wonder is Zijn raad en wonder is Zijn wil.
Zijn wonderlijke hand bestemt orkaan en donder,
En donder en orkaan staan op Zijn magtwoord stil.

Haast zien we een gloriezon ten heldren Hemel klimmen;
Wijkt, donkre wolken, wijkt dien Heilvorst uit de baan!
Stijg op gij gloriezon, wat draalt gij aan de kimmen?
Snelt, rossen, snelt met magt en voert dien Heilvorst aan!

**Mei goud bikroane.**

Mei de nelklap fan Napolion koe Nederlân him sels wer wurde. Tsjin de ein fan 1813 krijt Borger in bineaming ta bûtengewoan Heechlearaer. As it jier derop der twa nije Heechlearaers yn 'e Godgeleardens bineamd wurde, is it mien bitinken dat Borger foar in tredde stoel der ek rjucht op hat. Sels is er fan itselde bitinken en om't it net bart, hat dat him sear dien. Mar yn 1815 wurdt er as sadanich bineamd.
Op in kear giet Borger mei it lûkskip nei Utert. Dêr sil er nei in amtsbroer op bisite. Hja binne mar togeare yn't roef. De oare liket in hiele banjer en der stekt Borger yn syn ienfâldich habyt wol hwat by ôf. De banjer sjucht him dan ek oan foar in ienfâldich boargermantsje. Mar om't der oars gjin oanspraek is, rekket er mei Borger yn petear en dat oer gewoane deistige dingen, dêr't yn't einsluten elts oer prate kin. Al pratende en pinfiskjende wei komt er 'to witten hwer't de reis fan Borger hinne giet. Sjonge, sjonge, dat treft dan wol singelier. Sille jo ek nei dy perfesser? Nou dat is ek it doel fan myn reis en dan sille jo der wol gjin biswier yn ha, myn tas to dragen. Ik hoech der dan net apart ien foar to nimmen, sjuch't!
Dat kin klear komme en it kaem klear. Sa stappe hja togearre op it hûs fan de Uterske perfesser 'ta.
Foar't de klopper dêr lykwols op 'e doar fâlt jowt de banjer syn pakjedrager earst in seksteheal. De doar giet iepen en beide wurde yn 'e keamer litten. Mar hwat stiet de man dan forbouwerearre as er heart hwa't er as pakjesdrager brûkt hat. En as de gasthear efkes de keamer út moat kin Borger it net litte it seksteheal noch

ris foar 't fuotljocht to heljen en dan sa tomûk ris nei de rynske jower to sjen, dy't him nou just net al to noflik fielt
It is yn 1814 dat er de gouden medalje wint as andert op in priisfraech fan Feylers leard genoatskip: „Eberhard's gevoelen over den oorsprong des Christendoms bestreden." Ut dit wurk kin men him leare as in great Godgelearde, hwaens opklearjende bigripen alhiel oerienkomme mei de suverens fan 'e Evangeeljelear. De bitûfte en driistmoedige fordiigner fan it Kristendom, ûngemaklik yn 'e wapens tsjin de hjoeddeiske ûnkristlike waensin, ensfh., skriuwt van der Palm.

**Yn leafde forboun.**

Dat selde jiers, de 31ste Augustus, is syn greate dei. Dan wurdt er troch leafde yn it boask forboun oan Jonkfr. Abrahamina van der Meulen, hwaens jierdei op 'e selde dei fâlt. Per 1 Aug. 1814 jowt syn mem Sibbeltsje Tyleman per notariële akte tawurd oan har soan „Elias Annes Borger professor in de theologie te Leijden" om mei juff. Abrahamina v. d. Meulen to IJsteslein to boasken. Hoe bliid sjongt er it net út:

---

Dit is het schoonst tooneel der aarde,
Dat ooit de zon of maan bescheen:
Dit, dit heeft in mijn schatting waarde,
Veel meer dan goud en elpenbeen.

---

Geliefde! 'k wil dien eed volbrengen,
En, valt mijn hart U immer af,
Dan moog de regterhand verzengen,
Die ik U dezen morgen gaf.

---

Mijn vaders taak is afgeweven,
Die U gebaard heeft, is niet meer:
Gij hebt me een vader weêrgegeven,
En ik geef U een moeder weêr.

---

Borger syn heit is rêst op 5 Nov. 1810 en har âlde heit komt yn 'e earste moannen fan har houlikslok to stjerren.

Al blonk op 't achtbaar hoofd een kroon van sneeuwwit haar,
Al weigerde de voet 't gebogen lijf te dragen,
Al droeg dat lijf een last van vijf en tachtig jaar,
Natuur scheen nog te vroeg haar schatting af te vragen.

Mar, dichtet Borger fierder:

Ik sprak haar van de vrucht, verborgen in haar schoot,
En rijpende onder 't hart, dat felle rouw deed bloeden:
De grijsaard zou in 't wicht herleven uit den dood,
En 't wicht, de kindersmart met moedervreugd vergoeden.

En dan stiet yn de Ljouwerter Krante fan 21 Juny 1815 dizze adfertinsje:

> Heden beviel van een welgeschapen zoon A. v. d. Meulen, geliefde huisvrouw van E. A. Borger. Leiden den 16 Juny 1815. Dit dient tot communicatie aan onze kennissen buiten de stad.

In greate blidens dêr't in noch greatere drôvens op folge. Yn de Lj. Krante fan 30 Juny wer in adfortinsje:

> Myne geliefde vrouw, A. v. d. Meulen, die mij op den 16den l.l. een zoon gaf, moest heden, in den ouderdom van 34 jaren voor het geweld eener aanhoudende zenuwkoorts bezwijken. In minder dan één jaar, man, vader en weduwnaar, beveel ik mij en mijn kind aan God, en in de voorbede van allen, die mijn toestand beseffen.
>
> Leijden, den 24 Juny 1815. E. A. Borger.

Die slach kaem hurd oan, mei hiel syn leavjend hert hie er har leave en nou moat er har omskot oan 'e kâlde groun tabitrouwe. Yn dyselde Junymoanne noch makket er ien fan syn forneamde dichtstukken: Iets voor mijn kind.

Ziet gij die kerk, mijn kind? daar rust het overschot
Der aangebeden Vrouw, ontrukt aan 's vaders harte;
Zij bad om uw geboorte en werd verhoord van God;
Zij zag alleen op u, en achtte geene smarte.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Een stoel staat aan mijn zij! maar 'k mis haar aan den disch,
Die eens mijn liefde en zorg met liefde en zorge loonde.
Vergeefs in 't rond gezocht naar 't vriendlijk aangezicht,
Om op dat beeld der deugd den morgenzoen te drukken.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Tien maanden — ja, mijn God! een nachtwaak was haar duur —
Tien maanden, en daar viel, daar viel myn lieve Gade,
Maar regtem hat ik niet, en elke dag, elk uur,
Was teeken van Uw gunst, en gift van Uw genade.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Gij gaaft mij dezen zoon, en voor al 's werelds goud
Verkocht ik 't wichtje niet, mij dierbaar als mijn leven;
Maar moet ik droefheid zien aan 't pand, mij toevertrouwd,
Eisch dan het kind terug, ik zal het gaarne geven.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Aan Vader, Zoon en Geest heb ik mijn kind gewijd,
En 't water des verbonds is op zijn hoofd gedropen.
Gij ziet uw vingermerk op 's dooplings aanschijn staan,
En kent den dubblen naam, waar meê hij is geheten;

— — — — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Hy hie de namme krige fan Petrus Abraham. Nei de dea fan syn heit waerd er great brocht by syn omke, Dr. G. J. Schacht, dûmny to Leijen. 16 Febr. 1833 waerd er studint yn 'e godgeleardens en promevearre op 3 April 1840 ta dokter yn 'e theologije. Op 7 Nov. 1841 waerd er to Amerongen as dûmny bifêstige, 31 Augustus 1856 emeritus wurden en doe sette er him to Arnhim nei wenjen dêr't er 1 Aug. 1882 rêst is.

**De Jouster turfskipper.**

Hoewol swier slein, brutsen wie Borger net, hy hie him sterke yn 'e Heare syn God. Nei de fekânsje bigoun er wer mei les jaen en mei de stúdzje. It is binammen it biarbeidzjen fan it Jehannes Evangeelje, dêr't er in mylde treast yn fynt. Hokker boek: „Aanmerkingen over het Evangelie van Johannes, met de drie overige Evangeliën vergeleken" yn 1816 útkomt.
Van der Palm skriuwt, dat allinne dit boekje al genôch wêze soe,

syn rom as útlizzer fan 'e Skriften fan 't Nije Forboun to bikrêftigen.
En as er him nou oars nearne mei bimuoid hie, mar ek de âlde letterkunde hie syn nocht, ja men mei wol freegje hokker wittenskip net.
Op 'e nij wurdt Teylers Godgeleard Genoatskip, in wurk fan Borger mei goud bikroane en wol syn forhanling oer it: „Mysticismus", neffens van der Palm, in soarte fan wiisgearige dweperij yn foralterearre Dútske breinen útbrêt. Dit heechoansleine boek, seit er fierder, is in tinkteiken, dûrsumer en kostberder as moarmer. Eare de man, dy't him sels sa'n tinkteiken stifte.
Seis jier nei Borgers dea, kaem dit boek to Altona yn it Dútsk út.
Op syn jierdei 26 Febr. 1817 krijt de heechbiwittenskippe soan fan syn mem it neikommend gedicht:

Ouderliefde en plichtbetrachting
Vraagt mij thans een versje af,
Voor een zoon, wiens liefde en achting
Mij bezielt tot aan het graf.
Regt welmeenend zonder vleijtaal,
Kent Gij, zoon! der Friezen aard;
Ja! het zuiver Moederharte
Is U meer dan vleijtaal waard.
Hartlijk, kom ik U begroeten,
Op deez' dag, dat Gij verjaart,
Nedrig bied ik U dit versje
Met deez' korte wensch gepaard.
Om drieëndertig zonnekringen
Draaide deze aardrijksbol.
Drieëndertig Sprokkelmaanden
Vulden weer Uw jaargetal.
Dat nog tweemaal drieëndertig
Of nog meer Uw leeftijd zij
Dat ge tot een zegen levet
Voor de school en Maatschappij.
Dat Uw jaren zachtkens rollen
Langzaam en gezegend voort
Na d'afgedane taak Uws levens
Landend in een zalig oord.

De bân mei de Jouwer waerd ek noch oanhâlden mei de Jouster turfskipper, dy't alle jierren de brânje brocht. Dat wie noch in âld skoallekammeraed en hoenear de turf to plak wie, moast er op 'e studearkeamer komme. Dêr waerd dan it nijs fan de Jouwer bipraten.
Hwat ha jo it nou oars mar skoan foarinoar, seit de skipper, dat is al hwat oars as mei ús, altyd yn 'e turf omslaen en yn 'e bage to hingjen.
Dêr hast wol gelyk oan jonge, mar ús wurk liket oan 'e bûtenkant ek wol ris moaijer dan it is. It bitsjut faek hiel folle hollegebrek. Nim nou bygelyks dit Chaldeeuwske boek ris. Hjir ha ik in wurd dêr't ik al dagen op om sit to stammerjen. Stiene der trije puntsjes, dan soe ik de bitsjutting daliks wol sizze kinne, mar der steane fjouwer en nou bin ik der skjin mei oan. Yn sa'n âlde tael moast rekkenje kin ien sa'n stipke de bitsjutting fan in wurd gâns foroarje.

De skipper bisjucht it mei eagen as hie er al syn libbensdagen sokke kost iten. Mar dan lûkt der in fyn glimke om syn mûle. Hy makket it topke fan de finger hwat wiet, strykt oer it lêste stipke en dan bliuwe der trije stean. Dy lêste stip heard der net by Borger, dy hat in mich der falle litten. Hwat de learde man nea sjoen hie, seach it skerpe skipperseach ridlik gau en it riedsel wie ta in útslútsel brocht.

**De swiere slach.**

Yn 1817 wurdt Borger de learstoel yn Skiednis en Alde Letterkunde oanbean. Dêr hat er wol sin oan en hy mient dat er der ek wol foar birekkene is om it oan to doaren. Dochs bliuwt it in swier stik, de grize en wiidforneamde Wijttenbach op to folgjen. Mar hwa sil der better foar birekkene wêze as Borger?
En it hat bliken dien, dat Borger it mei glâns oan koe. Op 27 Sept. hâldt er syn forneamde ynwijingsrede oer hoe't de skiednislearaer forplichte is, om it Godsbistjûr yn it wrâldbarren nei to gean en oan to wizen.

Een bloem, gekweekt in Friesche gronden
Wierd in Minerva's tuin gevonden.

Wie wist het ware schoon der ouden
Bij 't rein' der nieuwheit te behouden,
Met zulk een fijn verheev'nen smaak?
Wie was berekend voor die taak?
O, dat was Borger!

(Wielandt)

Linkenlytsen is er yn 'e kunde kommen mei Jkfr. Cornelia Scheltema en hwat er sûnt it forstjerren fan syn frou mist hat, fynt er yn har werom. Hja soe him ta frou en syn boike ta in mem wêze kinne.
Op 15 April 1819 wurde hja yn in lokkich boask forboun. Mar de grime dea stiet al wer op 'e loer. Yn Febrewaerje 1820 krijt er by har in famke, dat lykwols koart nei har berte komt to stjerren. De mem oerlibbet it bern mar in pear dagen. It lykje fan it bern lit er wer opgrave.

Ik heb mijn dochtertje opgegraven,
Toen 't pleit der moeder was beslist,
En lei het in de groote kist
En aan de borst, die 't wicht moest laven,
Dat nimmer laafnis noodig had:
Ik dacht, één huis behoort aan beiden,
Wat God vereent, zal ik niet scheiden;
En sloot in de urn den dubb'len schat.

De greate man bilibbe hjir de wierheit fan 'e Spreukendichter (30 : 15-16) trije dingen binne net to sèdzjen, né fjouwer sizze nea: It is genôch: it grêf, de sletten memmeskurte, de ierde dy't net sêdde wurdt fan wetter, en it fjûr dat nea seit: It is genôch.
Doe't er der noch foar stie en de slach drige, sei er, dat er dy nea oerlibje kinne soe. Doe't de slach kaem like er to'n earsten binei kâldhertich. Sels koe er der gjin oare forklearring oan jaen,

dan dat men ek oan it swierste lijen biwend rekket, as it jin sa faken treft. Mar al ridlik gau die it bliken, dat syn senuwen it net forarbeidzje koene. De golle laits wie foar altyd foart, tûle en koartswyl wie him hielendal frjemd wurden. Hy is it libben sêd en langet nei de dea. Syn smert en triennen skriemt er út yn syn kleiliet: Aan den Rijn, dat yn it Frysk, Fransk, Ingelsk, Latynsk, Gryks en Dútsk oersetten is en dat bislút mei dit fers:

Noem' hij deze aarde een hof van Eden,
Wie altijd mogt op rozen gaan:
Ik wensch geen stap terug te treden
Op de afgelegde levensbaan.
Ik reken ieder' dag gewonnen,
Met moeite en tranen doorgesloofd.
God dank, mij draaiden boven 't hoofd
Reeds meer dan vijf en dertig zonnen!
De tijd rolt, als dees bergstroom, voort,
Druk zacht mijn dooden, lijkgesteente!
En dek ook eerlang mijn gebeente,
Bij 't overschot, dat mij behoort.

Hielendal ridderslein waerd syn lichem ek noch oantaest fan in sykte. To'n earsten like der hielendal gjin hope op betterskip to wêzen. Mar hy knapte doch wer hwat op, hoewol......

Ja, Borger leerde vroeg het Hemelsch schoon beminnen;
Zijn hart gevoelde 't en zijn taal werd profeetsij:
Maar Borger leefde op de aarde en hat gevoel en zinnen,
Maar Borger was een mensch als wij.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Zijn haren kon hij tellen; De tranen niet door hem geschreid.

— — — — — — — — — — — — — — — — — — —

Hij zingt...... en Nederland zal nooit dien zang vergeten.
Het was zijn laatst, zijn roerendst lied. (Spandau)

**To mânsk.**

Hy sette nei Middelboarch ta, dêr't er altyd graech wêze mocht, mar foun rêst noch dûr. Dan mar nei Goes, en dêr kaem er aerdich opknapt wer wei. Ta greate blidens fan allegear bigoun er wer mei syn lessen en wol mei in iepenbiere foarlêzing yn 'e Akademyske gehoorseal, bywenne fan learaers en learlingen. Allegear wiene se tige optein mei dizze betterskip, faeks soe it dochs noch wer yn oarder komme, mei de sa heechachtenearre man.
Mar de slach wie him to mânsk.
Hoewol al hwat út oarder, gie er 29 Sept. 1820 dochs as ôffurdige fan it Leidsk bistjûr nei Amsterdam om dêr de jierlykse gearsit fan 'e Hollânske Maetskippy fan Moaije Kunsten en Wittenskippen mei to meitsjen. Op de jounsgearsit fan it miene bistjûr koe er al net wêze. Mar de oare deis kaem er al op 'e algemiene gearkomste. Ek giet er noch nei de tentoanstelling fan Nederlânske skilderstikken, mar syn geast like wol dwest. Ek siet er noch mei oan it freonemiel, mar mei dat oansitten wie it ek sein. Him der mei hert en siel byjaen lyk as men oars altyd fan him went wie, wie him nou to mânsk. Dat hy woe mar leaver nei hûs. Biselskippe fan syn jonge freon Sautin Kluit geane hja de weromreis oan.

It liet him earst noch net oansjen, dat der gefaer foar 't libben drige, mar dochs......
Op 12 Oktober 1820 kaem de ein, noch mar 36 jier âld.

In flonkerstjêr skeat 't loftrom lâns,
En sette hiel de wrâld yn glâns.
It wie in ljocht sa great sa fel,
Lykwols it duorre mar in tel.
Sa's it libben faeks ek koart fan dûr,
Ien sucht, en dwest is 't libbensfjûr.

Yn 'e Ljouwerter fan 23 Oktober 1820 stiet as atfortinsje:

> Leijden, den 13 October 1820. Gister avond overleed alhier, na eene ziekte van weinige dagen, in den ouderdom van omtrent 36 jaren, de Wel Edele Hooggeleerde heer Elias Annes Borger, Hoogleeraar in de Faculteit van Wysbegeerte en Letteren aan de Hooge School te Leijden.

Forskate dûmny's bitinke de greate man mei of yn 'e preek, gâns dichters meitsje fersen op „It Fryske Wûnder."

Geleerdheid voelt met schrik 't gewelf haar tempels scheuren
De Godsdienst zwijgt; de kunst barst uit in rouwgeklag:
Hoe zult ge 't zinkend hoofd, o Leiden, opwaarts beuren,
Zoo wreed geschokt door slag op slag!

(Spandau)

En wat Europa U benijdde,
Uw' naam aan hooger glorie wijdde
Dat heeft U thans de dood ontroofd.

(Serrurier)

Toen Borgers lijk zonk in het graf
Wierp Borgers geest zijn kluisters af.
En steeg klapwiekend van deez' aard,
En snelde juichend hemelwaart......

(Motman)

Borger is voor ons verloren!
Zielloos ligt hij nu ter neer,
Die, tot Neerlands roem geboren,
Leijdens sieraad was en eer!

't Vaderland zit diep te treuren;
Angstig zoekt ze een' wakkren Zoon,
Die haar 't hoofd weer op moog beuren;
't Gold haar roem, haar Parelkroon!

Maar wie kan, wie durft haar troosten?
Zoekt, zoo ver het oog slechts ziet,
Zoekt in 't Westen, zoek 't in 't Oosten,
Maar een Borger vindt gij niet.

(Molenaar)



26

En as lêste, hwant der moat in ein oan komme, út 'e Leidske studinte Almanak fan 1821.

Daar waggelt Pallas troon,
Daar duikt haar parelkroon,
Voor zooveel strijds verworven:
Wie redt haar! welk een hand
Staaft de eer van Nederland?
Want Borger is gestorven.

Ds. J. Roemer to Leiden hâldde 15 Oktober 1820 in bitinkingspreek nei oanleiding fan Job 21 : 23a: De iene stjert yn syn folle krêft. De dea spoeket altyd om. Hy sparret gjin jonkheit, gjin moaijens, hâldt gjin rekken mei in moaije baen, hat gjin omsoarch mei de greatheid, noch mei de rykdom. Elts eagenblik lit er in kûle grave mei langst nei syn bút. It roppich grêf liket nea to sêdzjen, de dea wurdt nea net wurch. Ommers de minske syn dagen binne as it gêrs, allyk in blom fan it fjild sa bloeit er, as de wyn der oer giet, is hja net mear, en har plak ken har net mear. (Ps. 103 : 15-16). As jongfeint waerden Borger syn talinten al biwûndere, fan de geleardste mannen waerd er foreare, fan de meast forneamde Maetskippij bikroane.
As godgelearde waerd er heech oanslein .As letterkundige bisiet er alles hwat ta de skiednis en de âldheit hearde. Wiisgear en dichter, beide wie er. Syn wurken sitte fol oarspronkelikens. Yn talen hie er winliken syn likense net. Fierders yn alles de ienfâld yn eigen persoan. As in seldsum sjoene stjer hat er mar in amerij twinkelje kinnen.
Ds. W. Broes to Amsterdam hâldde in bitinkingspreek nei oanlieding fan Joh. 21 : 22. Jezus sei tsjin him: As ik wol, dat er bliuwt oant ik kom, hwat giet it dy oan? Folgje dû my.
Wie it by de disipelen, en binne ek wy net altyd ré mei to freegjen; komt de stjerrensûre hjir, en komt er dêr wol op 'e rjuchte tiid? Foar de earste Kristen tsjerke like Stephanus in great forlies, mar hat Paulus dat net dûbel en dwêrs forgoede ? Wy kinne it oan de wize Master oerlitte en it swijen der ta dwaen.

Op 'e Jouwer bitinkt dûmny P. Koumans Brouwer him mei twa preken oer Joh. 5 : 35 : Hy wie de baernende en ljochtsjende lampe, en jimme hawwe sels in tiid optein wêze wollen yn syn ljocht.
By syn opgroeijen merkbyt men al ridlik gau eat bûtenwenstichs by Elias. Noch mar krekt trije jier kin er binei elts boek yn 'e Nederlânske tael forsteanber lêze. Letter bliuwt syn rom net bisletten binne Leiden, mar giet ta fier oer de grinzen fan Nederlân. Nou swijt dy bispraekte mûle, dêr't eltsenien mei sa greate nocht nei harke hat. Fan it ûn- en byleauwe hat er in tige skrander bistrider west. It Kristendom forliest yn him in djiptinkend fordigener, de Hillige Skrift in wiis útlizzer, it Evangeelje in earnstich Preker, de mienskip in smout en smûk prater, in from en froed man.
En jongerein, né jimme bin noch net forgetten hoe't er jim de freonlike en earnstige rie joech : wenje yn 'e Bibel, en byn syn geboaden en ynsettingen oan jim foarhollen. Wêz bang foar boeken dêr't God en deugd yn forgetten binne. Wêz sels noch hoeden mei geskriften, hokker lêzing faeks foar ûnskuldige fordivedaesje forsliten wurdt...
Ja, alles hwat God docht is goed : dizze tins forsêftet de pynlikst

sleine wounen, hokker it forstjerren fan dizze soan, de mem, al in minske op jierren, tabrocht hat. Ik bin God tankber, dat hja dy't nei wenst hjir oars altyd yn ús formidden is, der ditkear net wêze kin. It soe my hast to swier fâllen wêze har yn persoan wurden fan roubiklei en fortreasting ta to sprekken. Dy plicht ha ik nou oan it pompier tabitroud, hoewol wiet fan triennen, hokker freonskip, heechachting en meilijen my ôfparsen......

Sa binne der doetiids gâns goede wurden sein en skreaun oer „It Fryske Wûnder" oer Borger.

Perf. Blok yn syn : „Geschiedenis van Nederland IV" skriuwt : Bilderdijk verhief zich als dichter tegen den kring van Feith en Loots, van Helmers en Tollens. Hij goot de fiolen van zijn machtigen toorn uit over den „slechten en domkoppigen" Borger, over den „judas" Nicolaas van Kampen, den „verwaten" van der Palm... De onmiskenbaar nuchtere, eenzijdige rationalistische denkwijze, die zich uit de revolutionnaire begrippen, van omstreeks 1795 ontwikkeld had en waarvan de deftig kalme kanselredenaar Van der Palm de talentvolle woordvoerder mocht heeten, voldeed een steeds toenemende partij in de Nederlandsch Hervormde Kerk niet langer. Men begeerde iets anders dan de rationalistische schriftverklaring van de Franeker, later Leidsche hoogleeraar Regenbogen ; iets anders dan de nuchter-bezadigde, bedachtzame „ethische" vrijzinnigheid van de Leidsche hoogleeraren Clarisse, Borger en Kist...
Yn „Paden fan Fryslân" skriuwt dr. Wumkes : Groen is yn syn studintejierren (1817-23) to Leijen foarme ta historaricus troch perf. E. A. Borger en Mr. Willem Bilderdyk.

**Noch ien en oar út 'e notariële akten.**

Yn 1812 lottet Borger syn neef, Karst Jelles Borger, sulversmidsfeint oan om yn Napolion syn legers to tsjinjen. Hja witte dat de libbenskânsen dan gâns bilytse. Dêrom giet er út harren Kompejonshouthannel, dy't er nei it forstjerren fan har heit Jelle Karstens Borger rêst 22 Sept. 1804, mei syn broer Cornelis hat. Ek testamintet er hoenear er net libben werom komme mei, al syn bisit oan syn broer Cornelis komt. Mocht dy dan al rêst wêze dan oan dy syn bern.
Karst is net werom kommen. Yn 1815 forklearret Hendrik Berents Vos, dy't sels ek soldaet west hat, per notariële akte, dat Karst op 2 Desimber 1813 de moarns om 5 ûre rêst is yn 't militair hospitael to Magdenburg.

Op 25 Juny 1813 testemintet Aaltje Jelles Borger, de widdou fan Pier Jelles Borger, by syn libben meirjuchter fan Haskerlân en wenjend op 'e Jouwer. Hja formakket oan Cornelis Jelles Borger it hûs fan Geert Jans Schoenhoeven biwenne.
De neikommende persoannen krije fierders elts in 15e part : Everst Joh. Borger to Surhusterfean; Jelle Joh. Borger to Joure; Hendrik Joh. Borger to Joure; Antje Joh. Borger boaske oan Klaas Nauta to Ljouwert; Jan Joh. Borger to Joure; de bern fan de forstoarne Heere Joh. Borger to Joure; Engeltje Kersten de frou fan Hendrik Annes; de bern fan sill. Jelle Kerstens Borger; de bern fan sill. Jelle Bourboom to Djimter (syn mem wie in suster fan Pier Jelles Borger) Lijke Bourboom to Joure; Bernardus Bourboom to Joure; Antje Bourboom boaske oan Arent Roels to Joure; Eelkje Jans de

frou fan Engels Klazes to Joure; Anne Jans to Joure en Kerst Jans to Joure.
Alzo de kinderen van wijlen Anne Kerstis Borger, in leven brander op de Jouwer, hun aandeel, bij het leven van de testatie is toegekend om daar toe moverende redenen, zijn daarom gepasseerd in dezen.

Op 21 Aug. 1816 hâldt notaris Mr. Martinus v. d. Acker to Joure boelguod op forsyk fan Sibbeltje Tyleman, de hr. Elias Borger Heechlearaer to Lijen, Kerst, Jelle en Peer Borger as erven fan har sill. heit Anne Kerstens Borger. It spul bringt mei-inoar f 514.30 op. Dêr geane noch al hwat kosten ôf, hwant op 26 Aug. barre hja f 412.30.

Per 30 Okt. 1817 forkeapet Kerst Annes Borger oan Elias Annes Borger „Hoogleeraar in de bespiegelende wysbegeerte en letteren te Leiden" foar 600 Nederl. gounen, synde het beloop van een Notariële acte van Schuldbekentenisse, ten laste van Reinske Ylstra wed. van Balthazar Reinouts."

Per akte fan 9 July 1817 forkeapet Trijntje Hylkes, widdou Wybe Tyleman 5/6 van 1/16 part yn it skip mei namme „de Jonge Pijbo" dat op dit stuit ûnder kaptein Auke Benedictus Visser op sé fart en wol foar f 600.—.
It oare jiers wennet hja to Wâldsein en machtiget dan har soan Freerk Wybes Tyleman, keapman to Joure al har saken to bihertigjen.

**Dêr't men oer Borger mear fine kin:**

De Nagedachtenis van E. A. Borger: J. H. van der Palm en H. Tollens 1821.
Hulde aan de nagedachtenis van E .A. Borger, J. Roemer, 1820.
Leerrede door Wilhelm Broes, 1820.
Tweetal leerreden van Ds. P. Koumans Brouwer, 1821.
E. A. Borger zijn leven, J. Schelhaas.
Iets over Borger's kanselwelsprekendheid, J. Tichler, 1835.
Dichterlijke nalatenschap van E. A. Borger 1836.
Levensschetsen van Personen (Nut v. 't Algemeen) 1839.
Hulde aan de nagedachtenis van E. A. Borger, 1884, J. Hepkema.
De Jeugd van Borger, W. Eekhoff, 1842.
Ljouwerter Krante 7 Juny 1842 as ek dy fan 1936.
Paden fan Fryslân II en IV fan Dr. A. G. Wumkes.
Underskate Wurdboeken (Biografyske).
Doop- en Trouboeken, Proklamaesje-, Hypotheek-, Autorisatie-, Sintinsjeboeken ensfh.

Yn kast 5 op 't Frysk Genoatskip binne neikommende hânskriften fan Borger:

História Philosophia; Historia universalis; Interpretatio (epistolarum) ad Galates (1808) Inliggend een schrijven van Bilderdijk (op dit stuit to siik); Leerredenen en voorlezingen; Antignitates Christianae; Theologia naturalis; Encyclopaedia Theologica; Universalis enarratio de Theologia naturali; Universales institutio in antiquitates Christianas; Dictata; Over de vereischten eener taal; Oratio de fictis; Tictata en Ensyclopaediani Theologicam.

# Ien en oar út it forline

(J) 3 Febr. 1674 wurdt dêr ynvintaris makke fan it neilitten besit fan de forstoarne Feicke Pieters, kannegieter to Joure. Dêr siet moai aerdich modder oan 'e kloet. Per testamint hie er formakke: „aen de Gereformeerde Kercke dezer Flecke XXV Car. gld. (f 25.—) en de armen van de Menniste gemeinte van myn gesinde (der wiene twa Formanjes op 'e Jouwer) insgelyks XXV Car. gld." Ien fan Borger syn foarfaers, Ulbe Johannes wie kurator oer de bern fan Feicke syn suster Trijn Pieters, boaske oan Pyter Cornelis.

14 Des. 1678 nimme Cornelis Gerbens, Pier Douwes en Joucke Lieuwes „Leeraar en Opsienders der Mennonite gemeente" op 't Hearrenfean de opfieding foar har rekken fan de sawn berntsjes dêr't Tieerdt Garstis, turfpontskipper op 'e Hearrewâl nei it forstjerren fan syn frou mei sitten bleaun is.
(H 10) Op 15 Okt. 1692. Jolle Lieuwes op 'e Jouwer as heit fan syn bern by Geeske Jochems en as heit fan syn bern by Rins Jans nou ek rêsten oan 'e iene kant en Claes Jans en Ruirdt Jans as earmfâlden fan „de Rooms Catholyke Armen en alzoo opzienders van Rins Jans weeskind by Tiete Jelles verwekt."

**Boaskje foar 't Rjocht.**

Net eltsenien boaske yn 'e Griff. tsjerke. Dy't soks net woene lieten har foar 't Rjocht boaskje of leaver it boask bifestigje. Faken libbe men al as man en frou hwat ek dúdlik út hiel hwat akten bliken docht.

(K 4 s. 917) Op huijden den 9 Sept. 1682: Compareerden voor ons onderget. Tiebbe Aukes Hes, ende Wijtske Douwes echteluijden op de Jouwer, ende nae dat ons genoechsaem waer gebleecken dat hun houwelijx proclamatien driemaal over de kercke en Godts Gemeente op de Jouwer op drie Sondagen sonder verspieringen waeren geproclameert, hebben wij Commiss. en Secrets, haer echteluijden in den echten houwelijcken staet gesolemniseert en bevestigt, belovende zij malkanderen om eerlijck en Cristelyck in voorspoet en tegenspoet, in gesontheden en sieckten te leven en wandelen, malkanderen lief te hebben en nimmermeer te verlaten, dan huijs te houden soo en invoegen eerlijcke luijden nae Godts Ordonnantie toestaat te doen waerop sij malkanderen den rechter handt hebben gegeven, ende wy haer Godes segen toegewenst, t' oirconde haere vertekeningen, beneffens de handen van ons Commiss. en Secretaris tot bevestinge, actum uts:
Beide teikenje hja mei in krúske.

(s.928) Sybren Auckes en Jeldou Jacobs beijde van de Jouwer hebben haer met malkanderen in den houwlijcken echten staat be-

geven ende versochten dat haer houwelijckse geboden op drie verscheidene Rechtdagen over den Gerechte mochten worden geproclameert, omme nae sulx geschiet har in den houwelijcken echten staat te laten solemniseren:

> De fiscael ratione officij protesteert selff recht te blieven nopens syn actie van ontijdige bijslaep.

Proklamaesjes 23 en 30 Nov. en 7 Des. en boaskje hja 8 Des. 1685 foar 't Rjocht.

**Skoalle en sakelju.**

By keapakte fan 14 Nov. 1712 forkeapet Jhr. Hessel Vegelin van Claerbergen oan 'e Folmachten „der Vlecke Joure, zeeckere mijne huisinge en Steede alwaer tegenwoordig de Schoole voor de Jongens wert gehouden staande aan de Zuidwestkant van de Joure tegenover de oude Bootermarkt" en wol foar f 392.—.
Op 'e Reëele kohieren ûnder nûmer 144 stiet Gebuirte Scholen en letter De Scholen.
Faeks hat de Latynske skoalle mei de gewoane ûnder ien dak west, of ha hja ticht by inoar stien.

Neffens it Cohier of Register der quotisatie op 1749 wennen der doe op 'e Jouwer 1012 persoanen boppe de 12 en 315 ûnder de 12 jier. Sa likernôch in fjirde part fortsjinne syn brea as skipper, skippersfeint ensfh. op it wetter. Fan de measten stiet it affearen oanjown, mar net fan allegear.
Arbeiders 47, Arbeisters 23, Adsistinten 3, Apthekers 1, Ambachtsman 1; Bakkers 9; Boer of Hûsman 8; Brouwer 1; Chirurgyn 2, Farwer 1, Fiskers 3, Gernier 2, Glêsmakkers 1, Groatmakkers 8, Hantwurksman 1, Hovenier 1, Huoddemakker 1, Huodmakkersfeint 1, Keapman 18, Keapfrou 8, Kistmakkers 4, Kistmakkersfeint 1, Ald Kollekteur 1, Koperslager 1, Kûpers 3, Lyndraijer 1, Mouners 2, Opsichter 1, Ald Opsichters 8, Potbakkers 2, Rinteniers 2, Skilder 1, Skippers 50, Ald skippers 3, Turfskippers 4, Kofskippers 2, Skippersfeinten 24, Skuonmakkers 10, Skûtmakkers 3, Smidden 3, Snider 1, Spinster 1, Stokers 2, Sulversmid 1, Timmermannen 4, Timmermansfeint 1, Urwurkmakkers 4, Weinmakkers 2, Wewers 2, Winkelier 1, Wolkammers 3, Widdouwen 32.
Dan noch bline Meijke Sijmens; Ds. Edema; Johannes Lips, Roomsk preester; J. Vos, rektor; Lourens Lourens, skoalmaster; Mr. Foeke Lolkes; Gerben Obbes, doarpsrjochter; en dan noch de Grietman die't wel begoedigt is.

**Eat oer de Tylemans.**

(0 7) Op 7 April 1717 liene Elias Tyleman en Itte Jolles op 'e Jouwer fan Bauk Douwes widdow Age Sybrands to Warns tsjin in rinte fan 4 % f 200.—" vertekent Elijas Tijleman Schoolmr. te Joure.
Neffens it Reëel koh. fan 1718 wenje hja yn in hûs fan de Bysitter Dirk Johannes. Sjoen de hier fan f 40.— sil it in rejael hûs west ha. Faeks hie er doe de brui al oant skoalmasterjen jown. Bysentinsje fan 15 Jan. 1720 Elias Tyleman contra Johanne Morschen widow sill. Ds. Heerens. Hja wurdt foroardiele ta it biteljen fan 52.16.10 Car. goune „wegens geleverde waren" dy't hja by Tyleman út 'e winkel helle hat. Der skynt f 33.— op ôfbitelle to wêzen, hwant dy meije yn mindering brocht wurde.

16 Des. 1720 teikenje Elias Tijleman en Itte Jolles „echtelieden Burgers ende cooplieden op de Joure" in hypteekakte, foar in bidrach fan 184.19.12 Car. goune tsjin in rinte fan 4%. Dat is foar winkelspullen dy't de Amsterdamske keapman Hendrik Haankok har levere hat.
Nei 1721 komme hja net mear op 't Reëel koh. foar en sille dos earne oars wenne ha. Allinne op 't famyljeregister fan 1744 komme wy Ytte Jolles tomjitte, hja binne dan fiifrissom.

(O 11) 24 Maert 1749 tekent Jelle Elias, dos de soan fan Ytte Jolles, skipper op 'e Jouwer in hyptheekakte foar 1667.12.8 goudgounen fan 28 stûren it stik „ter saeke koop en leverantie van het vierde part veer met de vierde part van twee digte Scheepen en anexen van dien varende van de Joure op 't Heerenveen, Lemmer, Workum, ensfh......."
20 Nov. 1757 teikent har soan Tiele Elias Tieleman, skipper en Tjetske Wiebes op 'e Jouwer in hypteekakte, dat hja skuldich binne oan Pieter Aukes de Vries, skipper en Wymke Willems f 700.—.
Op 1762 wurdt Tiele neamd „Old Schipper en Coopman".

(E 4) Op 13 Maije 1785 wurdt er foaroardiele fanwege bilêsting ûntdûken ta it biteljen fan f 12.—.
(K 16) Per akte fan 27 Nov. 1786 keapet Tylle Elias Tylleman „woonachtig tot Sneek" in hûs yn 'e Foarstrjitte to Joure foar f 828.—.
Hoenear Antje Elias Tyleman 1 Febr. 1829 boasket is der ûnder de bylagen in stik út Rotterdam oangeande it forstjerren fan har heit op 21 Febr. 1823: „Elias is overleden aan boord van zeker schip zeilende in de Maas zijnde geweest Groot schipper ter Zee, Echtgenoot van Tjamke Anthonius, geboren te Wens gedomilicileerd te Joure". Wer in moai stealtsje hoe't hollânske amtners de plaknamme Warns forknoeiden.

**Yn rjochte lynje út in bakkerslaech.**

Borger syn âldste foarfaer Auke dy't wy foun ha, sil moai grif in Auke Simons west ha en hat nei wearskyn boaske west oan in Wyb Kerstens.
Harren soan Kerst Aukes, bakker op 'e Jouwer, boaske 22 Sept. 1639 oan Geijs Annes in dochter fan de skipper Anne Aukes en Foock Coerts. Op 15 Okt. 1648 boasket Kerst Aukes oan Diuwke Jans.
Harren soan Jan Kerstens, bakker en op ien nei har jongste boasket 12 Febr. 1685 oan Baukjen Ottes ek wol Bakke neamd, lyk as Jan syn broer Cornelis dy't doopt waerd mei de namme Meeles
Baukje of Bakke wie in dochter fan Otto Annes fan Dunegea en Engel Sytzes dy't foar 1671 al rêst is. Otto sil nei wearskyn in soan west ha fan Anne Annes en Bauck Annes, dy't op 1640 ledematen binne to Sint Nikelsgea en op 26 Nov. 1652 to Dunegea.

(H 9) Op 12 April 1676 Anne Annes dorpsrechter en Ontvanger van den Dorpe Doniegae en Hijlcke Sijtses Laecken coper op de Jouwer kuratoren over Bauckjen Ottis weeskint van Otto Annes by w. Engel Sijtzes in echte geprocureerd. Hja jowe in forantwurding oer de lêste rekken sûnt 11 Maeije 1671.
Jan Kerstens syn soan Anne Jans, bakker, boasket 24 Febr. 1715 oan Eelkjen Piers.

(K 13) 12 Maeije 1777 Engeltje Annes de frou fan keapman Gerrit Roukes to Ljouwert en Sybrig Jelles widdow Kerst Annes, als moeder en voorstanderse over haer minderjarige kinderen Eelkjen en Jelle Kerstes beneffens Engeltje Kerstes gesterkt met haar man Hendrik Annes; Anne Kerstes sampt Trijntje Jelles widdow Jan Annes als moeder over haar 4 minderjarige kinderen Eelkjen, Antje, Anne en Kerst Jans (Neeltje berne 1763 en Jan berne 1770 sille dus al rêst wêze) allen woonachtig te Joure samen Erfgenamen van wylen Eelkjen Piers widdou v. Anne Jans onlangs op de Joure overleden......

......forkoft oan 'e bysitter Pier Jelles Borger...... seekere huysinge en agter Erf te Joure aen de Noord oostkant omtrent de Koemarkt...... moet de toonbank winkelplanken en Latten en voetbank op taxatie ontvangen......

Eelkje wie in dochter fan de skûtmakker Pier Aukes en Sybrig Jelles dy't 8 Nov. 1687 mei Attestaesje nei Sleat geane om dêr to boaskjen en nei wearskyn sille se dêr de earste jierren ek wol wenne ha. Earst op 15 Des. 1698 litte hja op 'e Jouwer in bern dope mei namme Antie, 1701 Trijntje, 1704 Hans, 1706 Ytke en 1709 Wobbel. Jelle, Auke, Tjam en faeks noch mear sille dan to Sleat berne wêze, mar der geane de noch oanwêzige doopboeken safier net werom.

(O 7) Pier Aukes, Mr. Schuitmaker en Herbergier en Sijbrigh Jelles skuldich fanwege liend jild f 900.— 1 Maeije 1711.
Pier Aukes syn soannen Jelle en Auke binne beide ek wer skûtmakker. Jelle syn soan Johannes Jelles ek wer en dy syn broer Pier Jelles is de earste dy't him Borger neamt. Hy wie bysitter en rjochter fan Haskerlân en boaske oan Aaltje Jilles, dy't yn 1812, doe't har man al rêst wie, de namme Borger oannimt. Hja hiene gjin bern en op 25 Juny 1813 fortestemintet hja har bisit oan 'e muoikesizzers. (Sjoch hjidfoar side 25).

(E 3) Op 2 Des. 1709 Pier en Beernt Aukes voor haer selfs sampt Jan Cornelis als man en voogd over Ytske Aukes contra Pyter Doijtzes en Lammetje Lammerts......

(O 9) Pier en Beern Aukes gebroeders en scheepstimmerlieden 1729...... Pier Aukes en Sijbrig Jelles en de hand van Jelle Piers ons soon als getuige 16 Nov. 1719, ynskreaun 10 Juny 1729. Harren heit Auke Hanses boaske 19 Des. 1661 oan Eelck Beerns, wie ek skûtmakker lyk as harren omke Pier Hanses. Dizze Auke en Pier Hanses wiene wer soannen fan Hans Piers, hwaens earste frou wy net foun ha en dy't yn Okt. 1642 ûnder de geboadens stie mei Sijdts Wouters fan Goeijengea, oan hwa't er earst op 10 Aug. 1645 boaske.
De soan fan bakker Anne Jans, Kerst Annes, ek wer bakker, boaske 21 Jan. 1748 oan Sybrig Jelles, de dochter fan 'e skûtmakker Jelle Piers. Dos Kerst syn mem en Sybrig har heit wiene suster en broer.

(O 12) 7 Maert 1751 forklearret Bartle Jochums Lemstra, keapman en skipper to Eastersé, skuldich to wêzen oan Jelle Piers, mr. skûtmakker to Joure f 625.— „ter saeke Coop

VAN SEKERE SCHIPSHOL

lang over steven 54 voet bij mij tot mijn goed genoegen nieuw

van de Bijl en Timmerhelling van mijn Crediteur ontvangen......"
Jelle Piers boasket 7 Aug. 1718 oan Anthe Heeres, in dochter fan de Greatskipper Herre Sybes, dy't 1689 to Broek boaske oan Tied Johannes, dpt., 24 Maert 1667 as in dochter fan Johannes Ulbes en dy syn 2e frou, der't er 12 April 1655 oan boaske mei namme Jisch Romkes.
Dizze Johannes is berne plm. 1625 as soan fan Ulbe Johannes en dy syn earste frou Tiedt Hinnes.

(H 3) Op 't earste blêd, mar der mist in stik ôf: 16 Des. 1643 ......4 weesen Johannes olt 19 j.; Claes 16 j. ...... Hylke Ulbes...... bij Tiets Hennes in echte nagelaten. Johannes Ulbes der oltsten sone zoo by Tieth hinne dgt. als Ibelke Gercke dgt. naegelaten alles door aangeven van Ibelke en gesterkt in desen met Gercke Cornelis haer vader......

Lyk as wy al seine, neamde Sybrig har broer Pier Jelles, him Borger. Yn it Jouster doopboek stiet berne 11, doopt 14 Okt. 1725 Pier, soan fan Jelle Piers en Antje Jelles, mar dat moat Antje Heeres wêze. Yn de Jouster doopboeken steane mear flaters. Ek wol gauris dat de namme fan 'e dopeling net ienris ynskreaun is. Soms ek lit men in bern earder dope dan it berne is. Lyk as b.g. mei Borger syn beppe Sibbeltsje Tyleman: Doopt 27 Jan. 1754, dêr't letter byskreaun is: berne 2 Febr. Dat kin yn gjin gefal 2 Febr. 1753 wêze. Soms wurdt in doop hielendal forgetten om yn to skriuwen lyk as b.g. mei Evert Johannes Borger, dy't omstrings 1748 op 'e Jouwer berne is en letter to Surhusterfean wenne.
Bern fan Kerst Annes en Sybrig Jelles naeme har Borger en sa ha wy hjir dan wer in gefal, dat de „fan" fan 'e frou's kant komt.
Kerst syn soan Anne Kerstes, de heit fan Perf. Borger, wie Jeneverstoker op 'e Jouwer en dy syn widdow Sibbeltsje Tyleman nimt yn 1812 foar har bern de fan oan fan Borger.
Sibbeltsje har heit wie boaske oan Tjitske Wybes, in dochter fan Wybe Freerks en Lysbeth Gerbens 14 Maeije 1719 boaske.
Wybe wie in soan fan 'e mouner Freerk Ysbrands dy't 3 Nov. 1678 boaske oan Hidtie Gerrijts fan Aldeboarn. Hoenear dizze Freerk berne is, ha wy net fine kinnen. Yn 'e doopboeken fine wy: dpt. 25 Juny 1653 F r e e r k het kindt van den Ger. dienaer int Hoff en 14 Okt. 1655 is gedoopt het kint van die backer ende gardenier die int Hoff gewoont heeft, genaemt Freerk. Mei de tiid soe it wol útkomme kinne mar de namme fan 'e heit stiet der net by. Nei wearskyn sil er in soan west ha fan 'e groatmouner Ysbrant Hotzes en by dy syn earste frou. 21 Des. 1664 boaske er oan Hiltie Eekes en 16 Sept. 1677 oan Lolk Doijes.

(O 4) Douwe Ysbrants op de Jouwer jowt ta skuldich to wêzen oan Ysbrants Hotses en Hiltie Eekes to Joure f 300.— ...... ten onderpant stelle specialijck myn gerechte helfte

DER WINDT ENDE GORTMEULEN

staende buyten het westeinde van den flecke Jouwer, met den crediteuren den ander helft daeraff toebehorende, mandelich, tot welckers opbouwinge wy dese penn. van hun sijn vschoten...... 25 Sept. 1673.

Ysbrant wie wer in soan fan 'e Groatmouner Hotze Ysbrants en Sipck Jans.

(O 3) Op 10 April 1665 forklearje Hothie Ysbrants en Sipck Jans gortmakers te Joure schuldig to wezen aen Heere Nooles, nou to Sleat f 300.—, hercomende van geleverde Boeckweidt... Op 16 Maeije 1665 twa hytheekakten fan Hotse Ysbrants en Sipck Jans dy't as ûnderpân stelle: expressen hipotheek specialijcken onze huisinge en Gortmoelen bij ons bewoont en gebruickt...... Dizze Hotse wie wer in soan fan Ysbrant Ysbrants en Meinuw Hothie, dy't foar 1613 boasken, om 't hja April 1634 fiif bern neilitte, hwerfan de âldste doe 21 jier wie.

(H 2) Op ien nei de lêste akte: Alsoe Mr. Jan Beerns tot Sneek van wegen Claeske Jans dgt. syn echtehuysfr. van moeders side beneffens Melle Ysbrants en Pieter Wijnthies van vaeders side tsamen als voormombers syn geautoriseert over Ysbrant Ysbrants en Meunuv Hothie dgt. fiif onmondige kijnderen......
Ende dwile der saecken duer vcopinge vande Inboel auctione vcofft zynde voort meerendeel syn gereddet en nu deur vcoping vande huisege ende stede...... Ist dat den vn kijnderen waerof den outste al 21 jaer olt is, gesterkt met Melle Ysbrants en Pieter Wynthies, April 1634.
Freerk en Hidtie ha 8 bern krige: Froukien 1680, Neeltje 1683, Ysbrant 1684, Gerrit 1686, Grietje 1688, Wybe 1690, boaske oan Lysbeth Gerbens (E 3 op 25 April 1740 Wijbe Freerks Burger en slachter te Joure......), Douwe 1696 en Hotze 1698 en 1704.

Der is fan dizze groatmakkersfamylje noch in nijsgjirrich

KONTRAKT OER IT BOUWEN FAN IN GROATMOUNE.

(O 5 s. 136) Ysbrant Douwes en Hillebrant Tadema wij hebben met malcanderen op den 8 Jan. 1691 aen Marten Wybes Mr. Molenmaker alhier, besteet te maken een nieuw gepelde garst molen groot na en ontrent als Ysbrant Ysbrants (Postema) molen tot Sneek staende en hebben aen gedagte Molenmaker voor 't arbeitsloon en houtwerk belooft den summa van een duisent vier hondert en veertich cargl. te betalen op drie termijnen, als bij de Leverantie soo als de Molen gemaekt was, een derdepart, en dan voorts alle jaren de twee resterende derdeparten, en alsoo wy buiten dit noch meerdere penn. van noden hadden, soo tot de steenen, yserwerk, praem, en wat dies meer mach sijn, soo is by ons gecondidioneert ende geaccordeert, dat Hillebrandt Tadema, niet alleen het eerste Termijn aen de Molenmaker, maer ook de Smidt, steenen en verdere materialen soude opschieten, en betalen, gelijk hij dan ook heeft op geschoten ende betaelt als volgt: aen Willem Hendrix wegens een half anker annijs, agt Car. gld. 15 st., aen Jouke Douwes wegens graven 12 st., tot Amsterdam voor vier steenen betaelt 69 C.gld., aen Jouke Douwes wegens 't metselen der klippen 10.16.— C.gld., Schelte Yges voor vragt van de steenen 6 C.gld., aen Marten Wybes het eerste termijn 480 C.gld., aen Doeckle Douwes een vereeringh ad 5 C.gld. 2 st., aen de steenhouwer wegens de pen en halssteen 6 C.gld. 12 st., aen Jouke Douwes voor het wederom repareren van de klippen en muur 5.5.— C.gld., aen Ype Aukes van 't Decken 4.14.— C. gld., aen Dirck Jans een half tonne teer 6 C.gld., voor een slot betaelt 2.16.— C.gld., voor de blicken aen de kuipen betaelt 13 C.gld.,

aen Jeimer Jeltes wegens Yserwerken 111 C.gld. 4 st., aen Pier Beerns wegens kalk en steen 29.11.— C.gld., aen Ysbrant Ysbrants wegens deelen 18.18.— C.gld., aen Anne Faber wegens koop van een praem 45 C.gld., aen Frans Sioerdts, Mr. Smidt tot Harlingen wegens yserwerken 180.6.— C.gld., aen Dirck Jacobs wegens naaijgaern 6.19.— C.gld., wegens drie half tonnen wip betaelt 7.10.— C.gld., aen Eelcke Willems wegens 't bereijden der steenen betaelt 5 C.gld., noch van vragt en vteringe 2.16.— C.gld.

Alle welcke voorenstaende posten van uitgave en betalinge den summa van 1025.18.— C.gld., waeraf mij Ysbrants Douwes de helfte ad 512.19.— te laste quam te betalen, maar door dien by ons nader is vsproken, dat dese penn. eerstelyk bij Hillebrandt Tadema voor my souden werden opgeschoten, om over een jaer sonder intrest te betalen, waer voor hij voor althoos het gebruick van de Molenwier sal genieten, mits ook voor althoos de helft der lasten hoedende, ...........
Hoenear er nei dat jier net ôflost hat, sil er 4% rinte forgoedzje moatte. 14 Sept. 1692.

**Fan twiljen**

Wy ha al sein, dat der by Borger syn foarfaers noch al ris twiljen foarkamen.

Abel Annes en Hidtke Gerrits dpt. 6 Febr. 1650 Oene en Itie en 15 Sept. 1667 Anne en Hidtke.

Jucke Johannes en Aecht Aukes dpt. 23 Des. 1652 Wyb en Jelke.

Obbe Sipkes en Geijs Carstes dpt. 1 April 1680 Sipke en Jeltie.

Lubbe Hendriks en Antie Aukes dpt. 20 Jan. 1687 Judick en Jetske.

Ysbrant Douwes en Auckien Sibbes dpt. 9 Febr. 1690 Pijter en Trijntie.

Jelle Joh. Borger en Feikje Dirks Mensing dpt. 9 Jan. 1790 Antje en Johannes.

Elias Tyleman en Tjam Antony dpt. 20 Aug. 1794 Itte en Marie en 7 Sept. 1798 Fouk en An (Froukjen en Antje) ensfh.

Twa- en trijris boaskje komt ek noch al ris foar:

Kerst Aukes 2 ris; syn dochter Geijs 2 ris; syn soan Meeles of Kornelis 3 ris; Jelle Kerstes Borger 2 ris.
Hans Piers 2 ris; Jelle Piers 2 ris; Auke Piers 2 ris.
Ulbe Johannes 3 ris; Johannes Ulbes 2 ris; Ulbe Johannes 3 kear lyk as syn pake.
Douwe Ysbrants 2 ris; Ysbrant Hotses 3 ris.
Borger sels 2 ris en syn broer Pier 2 ris, ensfh.

It binne faek greate húshaldingen mei faker as ienkear 10 en mear bern, hoewolt der ek forskate jong stjerre.
Kerst Aukes syn suster Aecht Aukes boaske 3 Jan. 1644 oan Jucke Johannes. Hja krigen 15 bern en lieten trijeris ien dope mei de namme Johan, trije mei de namme Johannes, 2 mei de namme Wyb en 2 ris in Jelcke.
Kerst Aukes lit fan syn 11 bern 2 kear ien dope mei de namme Wyb en 3 ris in Auke, ensfh.

# Ien en oar oer âld Jouwer

Yn it Eysma-Vegelin Archyf op 't Ryksarchyf to Ljouwert, bin oangeande de Jouwer ek noch wol inkelde nijsgjirrige dingen to finen.

(nû. 1215) Op huijden den 19 May 1589 zijnde volmachten van Haskerlandt bij een geweest duer vschrijvinge van Asse Obbesz hun Grietman ten huyse van Johannes Ebe z. beroerende den nootlijcke gebruick en Implo van matrijaellen vande k e e r k e ofte c a p e l l e opter Joure dwelce durch opverpen vanden Schanse aldaer uitgebroeken en demolieert (Sloopt, sljochte) heft moeten woorden, ten eijnde dselve tot gemeene best als zijnde res sakrij wederom genutticht, mochte woorden dwelcke andersins verschert vdempt ende teniet solde worden waeromme den Ingesetenen van vs Grijtenije veregen hebben concent van de Here Statholder Willem Ludewyk Graeve toe Nassou met riepe deliberatie (birie) met malkanderen hebben raetgeslagen resolveert (bisletten) als dat vs materiael vanden kercke ofte capelle vs wederom genutticht solden woorden tot opbouwinge van en gemeene waege ende Rechthuys ten profytte vande Gemeene Grijtenije samt Geemeene beste nae behoort ende dwile dos materiaellen niet coenen vbouwet ende di rechthuys ende waege dvan gemaeckt woorde sonder provisie van kalk arbeytsloon ende ander accendenale materien. So ist dat d volm. vande Grijtenije vsr tot behoeft van die, hebben gaccordeert dardehalve st. vande floreen rente om dselvege toe Sinte Jacob een maand onbegrepen (by need in moanne letter) op te leveren hebbende tot d fyne desen met hunne gewoenlicke hantschriften ondergeset actum it supra (lyk as boppe) onderstont Claes dierks, Douwe Pals, Meijtse Tettes, Sibren foekez' Baucke Marcx en het merk van Poppe Ottes.

Boppe lofst fan dit stik steane noch: Joure; Pope otte z Westermeer absent Snicswaeg Anne Martens assistere met Douwe Paels Haskerdijken Claes Diercks assitert met Sybren Focke z Nijehaske Jan beurs z. Haskerhorne Bauke merx assisteert met heerke Jelgers Oldehaske Meijtse Tette z.

Daliks op dizze akte folget:

In Maio 1589 is den kerke opter Joure affgebroeken duer beuel vande stadholder vmidts dselue den Schans te nae stonde, mits den materiaelen solden blijven tot profijt vande gebuerte.

Anno 1589 Is den Schipsloot gelegen achter den gebuerte Joure streckende nae haskerdycken bijden Ingesetenen vande griettenije exempt nijehaske opgemaeckt ende repareert zijnde dselvige sloot eenen seer gerijfelijcke waeterlossinge vande omleggende landen ende durch tanvaeren ende affaeren seer gerieflijk.

Jouwer Poppe Otte z Westermeer Rouke Broerke z Haskerhorne Bauke Marcx z. Oldehaske Auke Piers z Snickswaag absent
Op huijden den vieften Augustij 1589 hebben de volmachten hijer beneffens (hjir boppe) geroert hebben volgens den acte terugh van deses ges a dato den 20 Julij 1582 met malkanderen vsproken ende vaccordeert belangende het repareeren ende opmaken van Schipsloot oick inden vs acte geroert belangende den Lottinge d opden pechelen off de bijden Grietman Ende Secretaris tusschen inder doorp gemaeckt is in maten dat een ijder volm. te vreden is metten Lotte daer bij A B C te deele sal geraeken te vallen te vstaen dat A soowel int goede veerk als quaden zijn aenfanck zal nemen voor aen biden Jouer te beginnen Item B voert aen en vorts C. D en E daen volgende mits dat het eerste percheel byden Joure beginnen byden gehele connuniteijt vs wijtgeaset ofte het waeter wijtgesmeten zal woorden.

**Noch mear oer Slatterij.**

(nû. 52) In stik oan 'e Steaten 1634...... sekere Heerenvaerdt genaemt de schipsloot, streckende vande Joure uyt de o v e r s p i t t i n g e (yn 'e folksmûle Hurdspytsje), tot in de Hornstermeer, en van daer weder tot in 't deel, ofte Heerenvaert, nu is 't alsoo dat deselve schipsloot t' allen tijden gedient hebbende, soo om die commercie van de omliggende dorpen, des te beter op die Joure te drijven als om particuliere proffijten van de naest gelegen landen, zedert 't jaer 1619 niet opgeslattet zijnde en...... nou is er sahwat tichtgroeid, dat as Ged. Steaten nou ris in pear oanwize wolle om poalshichte to nimmen......

It stik is teikene fan: Tjomme Gerrijts; Roelof Frans; Mr. Lammert Cleas; Jan Ten Belte; Jeijp Jeyps; Tiaerdt Annes; Jan Johannes; Mr. Jan Claessen Coppens.

Op 12 Aug. 1634 komme de folmachten wer gear oer dy slatterij en wurdt der fêststeld hoe 't de saek syn biloop ha sil.
Teikene fan Abe Jeukesma ; Feyke Buitichs; Gerbrandt Claesses; Sipke Jems; Melle Jetses; Jelle Meintes handtmerck; Wijtthie Bottis; P i e r A u k e s; K e r s t e Wierds; Jacob Jans, Eelke Oenes.

**Kosten oangeande de Waech.**

(nû. 1008) Listen en ordonnantiën van het Waeg gelt op de Flecke Jouwer, waernae sich een ijder sal hebben te reguleren. Anno 1623.

1.

Eerstelyk sal werden betaelt van een tonne Butter, halve vierendeel, kintien ende halve kintien by de Burgers een Blank (is ¾ stûr of 6 duiten). En bij de Vreemde man geen Burger alhier zijnde anderhalf stuiver, schoon die selve geen veertigh pont sijn wegende, onder welke vreemde mede sullen werden gerekent Onse Schippers en Burgers die voor vreemde Persoonen Coopen en tot Amsterdam ofte elders buijten de Jouwer die goederen leveren, 'ten sij sulks doen blijcken, dat sij de waeren voor hun selfs gekoft hebben, en sal het weeggelt betaelt worden soo dikwiels de waeren verhandelt worden. (31 Des. 1704 foar de Boargers fan in Blank op in stûr brocht.)

2.

Van 't Schippont grove kees sal betaelt worden by de Borgers een blanck en by de Vreemde man anderhalve stuiver. (31 Des. 1704 brocht op in stûr foar de boarger)

3.

Van het hondert pont Soete melks kees, Spek, Ongel, Smeer, reusel, ijser, tin, Loot, Stockvisch, Vlashieden, (hjidde) hennip, huijden en diergelijcke Waegbaere waeren sal soo wel by de Ingesetenen van de Joure als vreemde Man betaalt werden anderhalve stuiver.

4.

Sal oock de Pachter 'te Sijne profijte Stellingen inde waegh mogen verhuiren.

5.

Des soo sal niemant sich vervorderen veertigh pont swaerte ende daer over, in sijn huis, buijtenhuis, tot sijne nabuiren te wegen oft laeten wegen noch te oock uit ende in stapelen ofte sij sullen den Coopluijden eerst bij den waegh meijster bringen het waeg gelt in holden tot profijte vande waeg Meijster, ende ten langsten de waeg Meijster sulx binnen dien dach aengeeven worden, soo wel bij den vercoper als Coper (18 Okt. 1730 dat in conformite vant 6e art. van S.lants Lijsten dit sal vermindert werden op 25 pont)

6.

Item dat soo wel de Burgers als vreemde Man die hun Butter ofte kees inden Weecke inde waeg laeten staan sullen van elke vat Butter int etmael Een Oortien ende vande kees na avenant, des nochtans dat die gene, die de stellingen hebben gehuirt, vrij sullen sijn.

7.

Sal ook niemant buijten dese Vlecke wonende eenige waegbaere goederen alhier mogen ontfangen anders als op den waegh, schoon deselve goederen buijten geecht werden, by poene als voren. (18 Okt. 1730...... geen goederen desen inpost supject, van hier sullen versonden werden, om elders gewogen te werden, ten sij deselve alvorens hier inde waeg gewogen, en het waeggelt daer van betaelt sij)

Aldus gedaen en gearresteert by de Grytman, Secretaris en Volmachten van de Flecke Joure, Actum den 1 Januarij 1623.

**Pachtbitinksten fan 'e Waech.**

Conditiën en voorwaerden waer oppe den Waech opter Joure bij Mij Hobbe van Baerdt Grietman int by wesen van de Volmachten der Gebuirte vs sal worden verpacht soo volght.

1.

Inden Eersten sal den verpagtinge geschieden van Oldergewoonte volgens den Usantie gebruik en bestek daer van sijnde 't sampt lijsten in dato deses hier voren verhaelt gearresteert.

2.

Item dat den verpagtinge sal geschieden by golt guldens te betalen toe Joustermerk hondert golt guldens en den reste Martini Jaerlijks daer aenvolgende. (Der is letter nêst skreaun „Dat de betaelinge bij quartalen sal geschieden)

3.

Item dat den Pachter geholden sal sijn borge te stellen voor den beloofde pacht onder renunciatie (ôfstân dwaen) van discussie en Exussie.

4.

Item dat niemant sal mogen Pachten ofte hij sal sijn een persoon froom, getrou en van goede naem en faem.

5.

Item soo den hoogste bieder ofte Pachter den Grietman en Volmachten vs niet agreaabel (net nei 't sin is) ofte oangenaem mochte sijn, dat den naeste ofte hoogste bieder voorgaende de selve inden plaetse genomen sal worden, ende op wien gelast werdt het strijkgelt te genieten.

6.

Item dat den pachter in handen van de Grietman Eede sal doen om oprecht en vroom te wegen en te geven een ijder Coper en vcoper (soo vele in sijn macht is) ten sijne nae behoren.

7.

Item dat den waegmeister ofte Pachter geholden sal sijn goede opsicht van het wegen te hebben als mede den deuren met goede grendels schotelt en slotten te versien, ten einde des Coopmans goederen succereert en niet verhindert en worden by onachtsaemheit van dien, dat al sulcke schade bij den Waegmeister op geëischt en refondeert sal worden.

8.

Item de Pachter sal geholden sijn den wichte in de Waegh sijnde en behoorende onder specificatie ontfangenende by verlaetinge der Pacht onder specificatie weder over te leveren.

9.

Item dat soo verre twe mochten geraecken gaer te staen en te samen mochten geracken te pachten, dat van hun den Eene het weegen sal alleen Continuelijcken doen ten waere dat door Cranckheijt ofte afwesen sulks geschiede.

10.

Item dat den Pachter van elke gulden sal betalen een stuiver tot onkosten op dese te vallen ende Een oortien tot profijte van den Armen, sonder daer van jwest inden Pacht te Corten.

11.

Item dat dese Pachtinge sal ingaen de eersten dach Meij met sonnen opganck, en eindigende den laetsten Aprilles sonnen ondergank (der nèst skreaun: den 1 Nov. ingaen en Ultimo Oct. expireeren).

voor 206 goudguldens jaars. Wegens de vgrotinge van 't Tolhuis is met den Tolman opheden voor desen Jare geaccordeert meerder te sullen geven 30 goudguldens.

Foar it Easterkertier: Gerben Rintijes en Fedde Roukes.
,, ,, Gabuirsterkertier: Broerke Wytses en Cornelis Rimkes.
,, ,, Hoogstraterkertier: Ettie Roukes en T. Binnerdi.
,, ,, Westerkertier: Ulbe Douwes en Petus Keuerling.

Fan 1701 ta 1717 docht it Tolhûs jiers 260 goudgoune en yn 1718 wurdt it 250 goudgoune ensfh.

**Der waerd noch al hwat drank tape.**

(nû. 45) Corte staat van de distelatie die op den 17 April 1713 op de Joure was.

| | | |
|---|---|---|
| Lijkle Hisses | 650 | kannen |
| Antoni Dirx | 60 | ,, |
| Anne Pijters | 84 | ,, |
| Auke Sijbolts | 880 | ,, |
| Jan Grunda | 40 | ,, |
| Pier Aukus (ien fan Borger syn foarfaers) | 160 | ,, |
| Johannes Annes | 3721 | ,, |
| Hendrik Sijbolts | 300 | ,, |
| Jan Gerrijts | 80 | ,, |
| Sonneke Rijkens | 72 | ,, |
| De Fiscael cum soc: | 1200 | ,, |
| Claes Brauringh | 400 | ,, |
| Tiebbe Jans | 125 | ,, |
| Willem Hendriks wed. | 688 | ,, |
| Hein Siegers | 416 | ,, |
| Gosse Gerryts | 583 | ,, |
| | 9459 | kannen |

Dat sil likernôch per haed in liter of 8 à 9 west ha.

(EIN)

32.
Kerst Aukes
Baker op 'e Jouwer

33.
Dieuwke Jans

Boaskje 15 Okt. 1648 op 'e Jouwer

34.
Otto Annes
fan Dunegea

35.
Engel Sytzes
rêst foar 1671
op 'e Jouwer

Boaskje 21 Febr. 1664 op 'e Jouwer

36.
Auke Hanses
Skûtmakker
op 'e Jouwer

37.
Eelk Beerns
dpt op Bel. 22/7/1664
op 'e Jouwer

Boaskje 19 Des. 1661 op 'e Jouwer

46.
Johannes Ulbes
berne plm. 1624
op 'e Jouwer

47.
Jisch Romkes

Boaskje 2 April 1656 op 'e Jouwer

50.
Jurijen Pytters
dpt 12 Maert 1623
to Ljouwert
Soldaet to Ljouwert

51.
Sibylle Alderycks

Boaskje 11 Febr. 1649 to Ljouwert

56.
IJsbrand Hotzes
rêst tusken 1698-1700
Groatmakker op 'e Jouwer

---

16.
Jan Kerstens
dpt 8 Nov. 1663
op 'e Jouwer
Bakker op 'e Jouwer

17.
-Baukjen Ottes
dpt 8 Jan. 1665
op 'e Jouwer

Boaskje 22 Febr. 1685 op 'e Jouwer

18, 20.
Pier Aukes
Skûtmakker

19, 21.
-Sybrig Jelles
fan Sleat

Boaskje Nov. 1687 to Sleat

22.
Heere Sybes
Greatskipper
op 'e Jouwer

23.
-Tied Johannes
dpt 24 Maert 1667
op 'e Jouwer

Boaskje 7 Sept. 1689 to Broek

24.
Tileman Cornelis
Sersjant to Ljouwert

25.
-Wopkien Jurriens
dpt 18 July 1655
to Ljouwert

Boaskje 17 Jan. 1675 to Ljouwert.

26.
Jolle

27.

28.
Freerk IJsbrands
Mounder op 'e Jouwer

29.
-Hittie Gerryts
fan Aldeboarn

Boaskje 3 Nov. 1678 op 'e Jouwer

30.
Gerben

31.

---

8.
Anne Jans
dpt 20/5/1689 op 'e Jouwer
Bakker op 'e Jouwer

en

9.
Eelkjen Piers
rêst yn 1777 op 'e Jouwer

Boaskje 24 Febr. 1715 op 'e Jouwer

10.
Jelle Piers
Skûtmakker op 'e Jouwer

en

11.
Antje Heeres
dpt 13/5/1694 op 'e Jouwer

Boaskje 7 Aug. 1718 op 'e Jouwer

12.
Elias T. Tyleman
dpt 2 Juny 1686 to Ljouwert
rêst foar 1774
Skoalmaster, Winkelman, op 'e Jouwer

en

13.
Yttie Jolles
rêst nei 1744

Boaskje 17 Okt. 1705 to Warns

14.
Wybe Freerks
dpt 26 Des. 1690 op 'e Jouwer
rêst foar 1749
Slachter op 'e Jouwer

en

15.
Lysbeth Gerbens

Boaskje 14 Maeije 1719 op 'e Jouwer

---

4.
Kerst Annes
Bakker op 'e Jouwer
b. 22 dpt 28 Febr. 1720 op 'e Jouwer
rêst foar 1762 op 'e Jouwer

5.
Sybrig Jelles
b. 6 dpt. 11 July 1723 op 'e Jouwer
rêst foar 1806

Boaskje 21 Jan. 1748 op 'e Jouwer

6.
Tyle Elias Tyleman
Skipper en Keapman
b. 4 dpt 6 Juni 1714 op 'e Jouwer
rêst foar 1806

7.
Tjitske Wybes
b. 3 April 1721 op 'e Jouwer
rêst foar 1806

Boaskje 5 Des. 1745 op 'e Jouwer.

---

2.
Anne Kerstens
Jeneverstoker op 'e Jouwer
b. 26 dpt 27 April 1749 op 'e Jouwer
rêst 5 Nov. 1810 op 'e Jouwer

Boasket 9 April 1775 op 'e Jouwer

3.
Sibbeltje Tyles Tyleman
dpt 27 Jan. 1754 op 'e Jouwer
rêst 19 Sept. 1827 op 'e Jouwer

---

1.
Elias Annes Borger
b. 26 Febr. dpt 14 Maert 1784 op 'e Jouwer
rêst 12 Okt. 1820 to Leiden
Prof. to Leiden

boasket 31 Aug. 1814 Jonkfrou

Abrahamina v. d. Meulen
b. 31 Aug. 1780
rêst 24 Juny 1815 to Leiden

→ Petrus Abraham Borger
b. 16 Juny 1815 Leiden
rêst 1 Aug. 1882 Arnhem
Herf. dûmny to Amerongen

boasket 15 April 1819 Jonkfrou

Cornelia Scheltema
rêst 1820 to Leiden